



Spulwike Nijs



Spulwike 2004 • 12 o/m 16 july twadde jiergong

'The show must go on' en gie ek troch!
De jongsten fine it ek wer te gek

WEIDUM / LITTENS / EASTERWIERRUM - Neidat de Spulwike twa jier efter elkoar hielendal ferreind wie, waard it tiid dat dit jier de show wer ris hielendal trochgean koe. Seker no't der fan it jier keazen wie foar it tema Showbiz. De show gie troch, al wiene der sa no en dan wol serieuze reinbuien. Dochs koene hast alle aktiviteiten trochgong fine. Sa koene de survivals yn Littens en Weidum dit jier gewoan hâlden wurde en hie de optocht yn Easterwierrum net it measte hinder fan de rein.



Survival Weidum swier

WEIDUM - De survival yn Weidum gie foar it earst yn jierren wer ris troch. De bern moasten de hindernissen en obstakels dy't de lieding der del setten hie, sjen te trotsearjen. Is dat slagge? Lês fierder op side 13.



Spulwike: wêr, wat, hoe?

WEIDUM / EASTERWIERRUM / LITTENS - De Spulwike is yn 1972 benammen yn it libben roppen foar bern dy't net op fakânsje koene. Yntusken is it sa dat de measte bern dy't op in basisskoalle yn Littenseradiel sitte, har âlden oer it generaal wol sa fier krije dat se har fakânsje yn alle gefallen wol útstelle oant nei de Spulwike, dy't fan it jier fan moandei 12 july oant en mei freed 16 july hâlden waard yn de doarpen Easterwierrum, Easterlittens en Weidum. Yn Easterwierrum sieten de jongste bern (groep 3 en 4), de bern fan groep 5 en 6 diene oan de Spulwike yn Easterlittens mei, en de âldsten (groep 7 en 8) wiene Weidum. It waar wie wikseljend, mar de sirka 600 bern fermakken har poerbêst. Se waarden ûnderwurpen oan swiere survivals en diene entûsjast mei oan knock-out shows,

Showbiz: in boppeslach!

Alle jierren wurdt der yn febrewaris op in spesjale gearkomste in tema betocht foar de kommende Spulwike. Begjin 2004 waard der keazen foar Showbiz. In prachtich tema dêr't de doarpen dan ek goed mei út de fuotten koene. Yn Easterwierrum hiene hja in dekor makke dat de studio fan it televyzjeprogramma Idols foarstelle moast, wylst min yn Easterlittens keazen hie foar in grutte rôze Cadillac. Yn Weidum wie in arena boud; op in fotonegatystrookje wiene hyltyd allegearre bekende koppen en logo's út 'e wrâld fan glitter en glamour skildere.



En fansels waarden ek alle spultsjes yn in tematysk jasje getten. Sa hjitte de survival yn ien kear "Fear Factory" yn Weidum en "Ter land, ter zee en in de lucht" yn Easterlittens. Ek de ferskes waarden op it tema oanpast. Sa hie Spulwike Easterwierrum in oare tekst makke op Frans Bauers megahit "Heb je even voor mij". Ek oare âlde Spulwike-nûmers wiene maklik yn it tema yn te passen. Fansels jout it iene tema mear mooglikheden as it oare. Showbiz joech de organisatoaren fan de Spulwike yn alle gefallen genôch mooglikheden om fan har

Spulwike: wêr, wat, hoe?

WEIDUM / EASTERWIERRUM / LITTENS - De Spulwike is yn 1972 benammen yn it libben roppen foar bern dy't net op fakânsje koene. Yntusken is it sa dat de measte bern dy't op in basisskoalle yn Littenseradiel sitte, har âlden oer it generaal wol sa fier krije dat se har fakânsje yn alle gefallen wol útstelle oant nei de Spulwike, dy't fan it jier fan moandei 12 july oant en mei freed 16 july hâlden waard yn de doarpen Easterwierrum, Easterlittens en Weidum. Yn Easterwierrum sieten de jongste bern (groep 3 en 4), de bern fan groep 5 en 6 diene oan de Spulwike yn Easterlittens mei, en de âldsten (groep 7 en 8) wiene Weidum. It waar wie wikseljend, mar de sirka 600 bern fermakken har poerbêst. Se waarden ûnderwurpen oan swiere survivals en diene entûsjast mei oan knock-out shows,

www.spulwike-littenseradiel.nl

Fan de foarsitster

It waar wie miskien net geweldich fan it jier, mar dochs hawwe wy in tige slagge Spulwike hân. Der binne hast gjin ûnderdielen ôfblaasd fanwegen it waar; yn it foarste plak de bern, mar fansels ek de lieding en de haadlieding, hawwe har der net folle fan oanlutsen. De survivals, optochten en oare bûtenspultsjes binne allegearre trochgien. Dêrom in grut kompliment oan jim allegearre! Ik mei op dit plak ôfskie fan jim nimme as foarsitster fan de Stifting Spulwike Littenseradiel; ik haw it trije jier lang mei in soad wille dien! Ik sil de Spulwike tenei al misse; ik sil lykwols net hielendal fan it toaniel ferdwine; ik bliuw yn 'e takomst graach op in oare wize belutsen by de Spulwike.

As skiedend foarsitster wol ik yn dizze rubryk graach elkenien tank sizze foar it mooglik meitsjen fan dizze geweldige wike! Bern, lieding, haadlieding, stipers, mediateam en alle oare frijwilligers dy't har op hokfoar wize dan ek ynsetten hawwe foar de Spulwike 2004, petsje ôf foar alle tiid en enerzjy (ek wat alle tariedings oanbelanget) dy't jim yn de wike fan dit jier stutsen hawwe. Ta beslút wol ik graach myn opfolger as foarsitster, Tjerk Kooistra út Weidum, is soad súkses tawinskje de kommende jierren!

Ut namme fan 'e seksje,
Jansien Kamstra.

Redaksjoneel

Foar it twadde jier yn suksesje hawwe wy as mediateam op en paad west. Fan it jier mei fiif Spulwike-reportaazjeweinen en in ta redaksjelokaal ynriichte Spulwike-mediakaravan. Jo moatte fansels al in bytsje grut tinke, no? Wy fûnen it machtich om wer op dizze wize by de Spulwike belutsen te wêzen; jo krije echt in moai totaalbyld fan wat der allegearre op it program stiet mei de Spulwike yn Littenseradiel. Wy hoopje dat ek oer bringe te kinnen yn dizze krante, dy't foar de bern en de lieding in moai oantinken wêze moat oan de Spulwike 2004. En foar alle ynweners fan Littenseradiel, dy't in wike lang hiel wat bern fan de groepen trije oant en mei acht foarby kommen sjogge, is it faaks aardich om ris te lêzen wat der no allegearre echt oan 'e hân is yn sa'n wike. Want ús krante wurdt yn de hiele gemeente hûs oan hûs besoege. Op ús thússide, www.spulwike-littenseradiel.nl, koene jim yn 'e wike sels al ferskate foto's sjen fan groepkes bern, spultsjes yn 'e doarpen, ensfh. Yn de kommende tiid sille wy de thússide fierder aktualisearje. Wa't op 'e hichte bliuwe wol fan de lêste ûntwikkelings op Spulwike-mêd, docht der goed oan regelmjittich ris op it ynternet te sjen.

SMT

Easterlittens siket foksen

EASTERLITTENS - Yn Easterlittens sochten de bern nei ferklaaide liederen. Dat gie oars muoisum genôch; dat kinne jim wol lêze op side 17.



Sponsorkommisje hellet 112 stipers binnen

WEIDUM / LITTENS / EASTERWIERRUM - As non-profit organisaasje, moatte wy ús hyltyd mear dwaande hâlde mei kostebehearsking. Elk dûbeltsje wurdt inkelde kearen omdraaid. Sûnt ferline jier is der lykwols wat feroaring yn kaam mei de oprjochting fan de kommisje dy't stipers wint: de sponsorkommisje.

De sponsorkommisje hat himsels ta doel steld jild op te heljen om de Spulwike sadwaande duorsum te ferbetterjen. As der foarhinne wat oanskafte wurde moast, giene hja mei de pet rûn om it mooglik te meitsje te kinnen. Ek betelle de lieding de shirts foar de bern sels. Lokkich wie de Spulwike sa leuk, oars hiene al lang in soad lieders ôfskie nommen, om't it gewoanwei net te beteljen wie.

Inkelde jierren lyn is nei in dialoach mei de gemeente it sels oanskaffen fan shirts ôfskaft. Fan no ôf waarden se betelle. It betsjutte de earste stap yn de rjochting nei mear finansjele mooglikheden. De oprjochting fan de sponsorkommisje ferline jier wie de folgjende grutte stap. En mei it binnenheljen fan stipers, moast der in krante komme, dêr't de stipers yn sjen kinne dat se stypje. Mar fansels wie dat net

de iennige reden dat der in krante kommen is; in groepke Spulwike-liederen kaam op it idee om inmediateam op te setten, dy't de Spulwike coverje soe en de Spulwike-thússide ûnderhâlde soe. Sa kamen twa saken by elkoar; soks kin somtiden ta moaie saken liede. Sa kaam it dat yn 2003 de earste Spulwike-krante útkaam. De krante waard besoege by alle bern dy't meidiene en hús oan hús yn de trije Spulwike-doarpen. Fan it jier sil de krante ferspraat wurde yn de hiele gemeente. Yn in oplage fan 4600 eksimplaren krije de stipers sadwaande in moaie advertinsjemooglikheid. Sa hellen Henk Ernst, Sabine Dijkstra, Johannes de Groot en Wybo Smids, de leden fan de sponsorkommisje, fan it jier mar leafst 112 stipers binnen. In geweldich oantal foar in betreklik lytse gemeente as Littenseradiel! De Spulwike mei dizze fjouwer minsken wol koesterje en grutsk op har wêze, hiel grutsk. Dochs hâldt ien en oar net yn dat it jild no oer de balke smiten wurde kin. Fansels moat der goed oer neitocht wurde wêr't it jild hinne moat. It sil yn alle gefallen net oan ynsidintele saken útjûn wurde.

Stipers

Fonds Bolsward Dronrijp
A en M Lifestyle
Administratie en Assurantie kantoor Hetinga
ALMAR Schilderwerken
Anne & Anke
B. Sandstra Handel en Transport
Bakker Metaalbewerking
Bloemsierkunst "De Kaardebol"
Bouwe Jan Bouma Horeca specialiteiten
Cafe de Driesprong
Cafe De Haan
Cafe H. Bonnema
Cafe Het Wapen van Baarderadeel
De Gaardenier
Fizel Drogisterijen parfumarie
Douma's Timmer- en Meubelfabriek
Drukkerij 'tAnker
Elsbeth & Martijn
Fa. Tjerkstra Electro
Gebr. Vellinga
It Winkeltsje
Kadowinkel 't Lyts bûthús
Klaas & Pieter
Kniplokaeltsje
Kraanbedrijf Simon van den Berg
Lanting Schilders
Pedicure Studio Roscher
Terpstra, P. Consultancy
RRS
Rutger Fopma & Baukje +opmerking Albert
Stipepot Winsum

Boalsert
Easterein
Mantgum
Wiuwert
Mantgum
Easterein
Winsum
Mantgum
Boazum
Winsum
Wiuwert
Mantgum
Jorwert
Wommels
Wommels
Easterwierrum
Mantgum
Amersfoort
Wommels
Easterein
Mantgum
Boazum
Mantgum
Easterein
Weidum
Boazum
Weidum
Wommels
Stiens
Bears
Winsum

Materiaalstipers

Bakkerij Sybersma
Bocreana caravans
Bouwbedrijf Bootsma
Bouwbedrijf Frankena
Bouwbedrijf J. Kruithof
Cheung Kwong
Drukkerij van der Eems
Edwin Meester
Fa K. van der Meer & Zn. V.o.f.
Hema Foto service
Hessel's Toiletwagenverhuur
Jarich Noordmans
M van Kammen
Meermarkt Meetsma
Paul Drijver
Plusmarkt Ernst
Poiesz
Reisiger
Smids DesignStudio
Stichting Holle Bolle Tsjing
't Skipperke
Toute Reclame

Boksum
Dearsum
Easterwierrum
Wommels
Boazum
Frjentsjer
Easterein
Grou
Easterwierrum
Frjentsjer
Stiens
Spannum
Aldtsjerk
Deinum
Dronryp
Mantgum
Frjentsjer
Snits
Frjentsjer
Wommels
Baard
Dronryp

Kolofon

Redaksje	Tsjerk Bottema, Tjerk Kooistra, Klaas Greidanus, Wybo Smids en Teake Posseth
Lay-out	Wybo Smids
Reporters	Tsjerk Bottema, Tjerk Kooistra, Klaas Greidanus en Teake Posseth
Stipers	Sponsorkommisje
Foto's	Tsjerk Bottema, Tjerk Kooistra, Klaas Greidanus, Wybo Smids, e.o.
Oplaach	4600 stiis
Printwurk	Drukkerij van der Eems
Catering	Sijtske Postma, Jan Tiede Bouma, Wilma Abma
Klean	Smids DesignStudio
SMT-Karavan	Bocreana Caravans
Belettering	Toute r�clame

Mei tank oan: alle meiwurkers oan de Spulwike 2004 yn de doarpen Weidum, Easterwierrum en Easterlittens.

Advertearders

Rabobank
Couperus Hydrauliek
Marne techniek
Volumemarkt
Acro textiles
Atlas Leesmap
Attie's Mode en Schoenen
Autohuis Winsum
Bakkerij Posthuma
Boersma Schilderwerken
Bootsma Schilders
Bosch Meganisatie
Bouwbedrijf Frankena
Bouwbedrijf J. Kruithof
Cafeteria 't Noard
de Groot dakbedekking
De Lachende Koe (Sneek)
De Vijf Sinnen
De Wildkamp
Elephant off road Equipment
Eppie Veenstra Schilderwerken
F. de Boer Schilderwerken
Galerie verfwinkel Nijdam
Henk de Vries Computers
Ingenieursbureau Oranjewoud
Installatiebedrijf de Jong
Jaap hoekstra
Eetcafé Jonker's Sikke
Kaf  Restaurant Bergsma
Kapsalon Mathilda
Keet Winsum
Keuning bouwbedrijf
Leanbedriuw Okkema
Loonbedrijf Frankena
MA2 Architectuur
MVM Zonwering
Nijdam Oldtimer restauratie
Notaris v/d Hem
P & W Car paint- en repair centre
Pizzeria Toscanini
Resi Wooncentrum
Royal Keukens
S Hempenius & zn
Scheeps Jachtbetimmering S. Heeringa
S.J. de Jong bouwbedrijf
Syb van Dijk
Sytse Douwe van der Vegt BV
TC Plus
Terpstra, P. Consultancy
TMB De Jong BGV
Toute Reclame
Transportbedrijf Tamminga
Troefmarkt A&P de Jong
v/d Wal Staal en Coatingsbedrijf van der Zee
Weidumer hout
Wheagan Multi Car Service.
Wilco Fopma
Witteveen & Brouwer

Frjentsjer, Snits, it Hearrefean
Easterein
Wommels
Winsum
Ljouwert
Jellum
Wommels
Winsum
Wommels
Easterwierrum
Wirdum
Easterein
Wommels
Boazum
Wommels
Hylaard
Snits
Weidum
Winsum
Easterein
Baard
Bears
Wommels
Mantgum
It Hearrefean
Easterein
Easterwierrum
Jellum
Easterein
Winsum
Winsum
Wiuwert
Easterein
Winsum
Mantgum
Winsum
Wommels
Jorwert
Winsum
Frjentsjer
Wommels
Wiuwert
Grou
Wommels
Wirdum
Winsum
Weidum
Winsum
Mantgum
Wommels
Dronrijp
Weidum
Weidum
Boazum
Frjentsjer
Weidum
Wommels
Mantgum
Easterein



Uniastate, Bears

BEARS - As jo yn 'e trein fan Ljouwert nei Snits sitte en jo sjogge net allinne foar jo, mar ek ris út it r t, dan sjogge jo ynienen in nuveraardige luchtspiegeling yn it wiidske lânskip. It is in stielen rekonstruksje fan Uniastate, de stins dy't eartiids by Bears stie. D r is allinne mar it poartsje fan oerbleaun. De stielkonstruksje jout jo lykwols in hiel goede yndruk hoe't de stins der destiids  tsjoen hawwe moat. Uniastate wie ek it einpunt fan it flottespul dat Spulwike Weidum foar de bern fan de groepen 7 en 8 organisearre hie. Doe hiene se der al moai wat kilometers op sitten, want se wiene yn Weidum beg n. Op en om it terrein fan Uniastate koene de bern doe noch allegearre spultsjes dwaan. Fierder mochten de bern ek noch eefkes priuwe fan it moaie  tsjoch dat jo boppe yn 'e toer fan Uniastate hawwe. Dat moat har wer wat nije moed j n hawwe, want nei de spultsjes yn Bears binne bern en lieding s nder gesanger wer nei Weidum ta r n.

Spulwike Littens bout arena op

EASTERLITTENS - Ek yn Easterlittens wie elke-nien drok dwaande mei de tarieding foar alles dat der de kommende dagen komme sil. Guon binne freedtemiddei al begûn mei it opheljen fan trekkers en weinen. De jûns is de poart opsetten en it poadium opboud. It offisjele diel begûn sneontemoarns al om njoggen oere. Sa't al jierren it gefal is, begint de Spulwike yn Littens mei it opheljen fan materiaal by de pleats fan de famylje Toering.



In trekker fol materiaal foar Easterwierrum

Der hawwe se earst genietsje kinnen fan in bakje kofje en in stikje koeke (Dat hiene se al wol fertsjinne) Nei't se dêr mei klear wiene hawwe se har mei man en macht dwaande hâlden mei it ophingen fan flachjes en it bouwen fan 'e arena op it fjild; hjir en dêr moast noch 'n likje ferve op kwaske wurde.

En sa wie de dei ek hast alwer om foar de measten. De jûns hat noch 'n ploechje de Spulwike-tinte dy't yn Mantgum stie, ôfbrutsen en yn Easterwierrum wer delsetten.

Doe wie it wol tiid foar in bierke, en hat dyjinge dy't de konsumpsjelist byhâlde moast it noch wol aardich drok hân.

Op de sneins hawwe de technisy de muzyk ynstallaasje oansluten, want der moat fansels al wat leven wêze oerdeis en jûns.

Tuskentoch is noch de húskewein ophelle en waarden de lêste puntsjes noch eefkes op de "i" setten dy't de sneons fergetten wienen.

Kij falle ferslachjouwers oan
Fan ús ferslachjouwer

EASTERLITTENS - Oan it begin fan 'e ûntgriening wiene der in protte senuweftige gesichten. Guon dielnimmers wiene yn 'e koarte broek. It wie lokkich noflik waarm waar; dochs seker sa'n graad as 13. It tema fan dit barren wie sa't it my foarkaam "wiet en smoarch"; dat die letter ek wol bliken. Nei in lytse kuiertocht belânen we by in sleat. Yn dy sleat lei in matte. Oan beide wâlskanten lei in fak; it iene fak wie "Ja" en it oare "Nee". De groep koe kieze as sy yn it fak Ja as Nee steane woene. Doe't elkenien op syn plak stie, gong it oan. Der waarden fragen steld wêrop't jo fansels it antwurd ja as nee jaan koen. It gefolch dêrfan wie dat beide groepen dwers troch elkoar hinne oer de matte rûnen, mar ek seker troch it wetter. In pear fan ús dappere mediateamleden hiene har opsteld yn in stik lân oan 'e oare kant, mar sy wiene dêr net allinnich. Der rûnen ek noch in stik as 15 pinken om. Dy pinken tochten: "Wat moatte dy lju hjir, en besletten om mei syn allen op ús ferslachjouwers ôf te fleanen. Dyjinge dy 't gewoan wei de measte praatsjes hat, wie ynienen wol hiel rêstich. (wy neame gjin nammen want dat is net leuk foar Wybo). Yn dat stik lân wie ynienen sprake fan in mestoerskot. En dat kaam net troch de jonge kij.....



En wa gie der yn 'e feart?....krekt



En it SMT wie stil

Meester kaam en seach dat it goed wie

WEIDUM - De seksje begjint al mei har tariedings yn it âlde jier, wylst de haadlieding krekt nei de jierwikseling úteinset mei alles dat der barre moat oan de kommende Spulwike. Ein april, begjin maaie wurdt de lieding dy't al earder meidien hat frege om har wer op te jaan. Dêrnei giet it hiel fluch. Der is in startjûn foar lieding dêr't elkenien te hearren krijt wat it tema fan it jier is, folge troch ferskate liedinggearkomsten, dêr't fierder ynfolging jûn wurdt oan de Spulwike fierder. En de lêste wiken foarôfgeand oan de Spulwike binne der fansels de doedagen. It materiaal wurdt dan fan souder helle, of nij makke, de slieplokaasjes wurde yn-rjochte, en mear fan sokke saken. Hoewol't it swiere dagen wêze kinne, is it ek altyd hiel gesellich. In protte



Weidum drok dwaande mei de tariedings....

lieders kenne elkoar fan de Spulwike en sjogge elkoar allinne yn dy wike fan it jier. Underfinings út oare jierren wurde wer eefkes mei elkoar ophelle, en der wurdt fansels foarútsjoen nei alles dat komme sil.

Yn Weidum hawwe se sûnt inkelde jierren neist de twa reguliere doedagen, ek noch in saneamde alternative dei om te 'klusken'. "Dan kinst mei in lytse groep al wat tariedings dwaan, sadat de oare wike in grutte groep daliks oan it wurk kin", sprekt Albert-Dirk Talsma út ûnderfining. Edwin Meester is tsjinwurdich yn Weidum de materiaalman, de persoan dy't er foar soarget dat der genôch en goede materialen binne. In swiere taak, om't jo mei de tariedings hyltyd oansketten wurde troch liedersmei fragen oer materiaal en sa.

Untgriening Easterwierrum

EASTERWIERRUM - Doe't wy oankamen yn Easterwierrum waarden wy konfrontearre mei in protte bleate manljusliven; de ien wat gespierder as de oar. Wat die no bliken: de mannen moasten de froulju de holle oerstjoer meitsje. Se rûnen der hanich om te flanearen. Guon doarden it sels oan en hâld allinne har nijmoaderige boksershorts oan. Letter stienen dizze Casanova's op in rige en mochten de froulju in streek sette op it manlike bleat. De twa mei de measte streken op 'e bleate rêch giene troch foar de einstriid. In wedstriid touhingjen oan in foarlader fan in trekker folge foar de finalist. Mar ferrassing ferrassing, se krigen beide in bak wetter oer har hinne. Dêrnei wiene der seis froulju oan 'e bar, dy't neffens de organisaasje it faakst hiel bot waarm wiene. It Pankoekspul: trije froulju krigen in koekepanne foar bûn, de trije oaren krigen in spatel foar it krús. Wa't it faakst mei de spatel tsjin 'e koekepanne oan kaam hie wûn. It wie 'n nuver taferiel; minsken mei in "dirty mind" soene der wol ris hiele nuvere tinnen by krije kinne. De ferliezers fan it spul moasten in



Spultsjes foar de lieders yn Easterwierrum

No knypte Edwin der dit jier inkelde wike foar de Spulwike tuskenút. Net om't it him allegearre wat tefolle waard, mar om't er saaklike ferplichting yn Dútslân hie. De deis foar de Spulwike kaam Edwin werom, om dêr te oanskôgjen dat syn saken goed behertige wiene troch de oare bestjoersleden.

"Harstikke moai hoe't der wurke is. Ik hie in idee oer hoe't it poadium derút sjoen moast en dat hawwe hja perfekt útfierd. It sjocht der allegearre út, sa't ik it hawwe woe", fertelt Edwin opluchte by weromkomst yn Weidum.

Op sneins wurdt alles noch krekt wat moaier makke en is alles en elk der yn Weidum klear foar. De bern kinne komme. De tarieding dy't al yn desimber begûn is, sit derop.



...spultsjes...



...en ûntspanning fansels!

Mediateamlid hat maleur



De gloednige Peugeot hat de Spulwike net helle

EASTERWIERRUM - Mediateam-sjoernalist T.B. út L., hie ôfrûne sneon mei de doe-dagen yn de trije Spulwike-doarpen flink de balen. Net omdat er gjin ynspiraasje hie, of om't der gjin nijs wêze soe, nee fanwegen syn nije reade reportaazjewein. Dy hie er in pear wiken earder oanskaft om mei de Spulwike yndruk meitsje te kinnen op syn kollega-teamleden en de oare Spulwike-frijwilligers. Hy hie dan ek net samar in auto oanskaft. Wylst oare, mear rasjonele types fan syn leeftiid en mei syn budzjet foar in lytse, kompakte, foardielige en sunige Japanner kieze soene, woe de ferslachjouwer yn kwestje "wat mear auto om him hinne hawwe", sa't er it sels útdrukte. En doe stie er nei in doedag-reportaazje mei de motorkap omheech op 'e hoeke fan it sportfjild yn Easterwierrum. Syn metallic reade bolide hie gewoan straal de gek mei him, want doe't it sleepteam arrivearre wie, sloech de auto nei ien kear besykjen wer oan. Lykwols rydt T.B. tsjintwurdich dochs mar yn in oare, beskiedenere reportaazjewein, want jo steane fansels wol raar foar peal mei sa'n wyld bestickere mobyl dy't it gewoan net docht.

Henk kin in soad, mar soms....

EASTERLITTENS Sneintnacht kin Henk him fêst noch goed heuge. Henk tocht: "Ik kin fêst wol dwers troch dy tintepeal hinne." Mar sa as in lieder wol wit, kin dat fansels net. Henk rint no om mei in pleister op syn kin. Jo kinne jo fansels wol foarstelle dat dat net ien ûntgongen is. Henk lûkt him no wol ris werom om syn favorite c.d. te belústjerjen, nammentlik: it bêste fan Kinderen voor Kinderen. Op sokke mominten kin Henk it kin-insidint eefkes ferjitte. Mar Henk lit him net kinme, want hy giet gewoan troch. Mei wat er goed kin: lieder wêze fan in groepke Spulwike-bern. Henk kin nammentlik poerbêst mei "syn" bern oerwei. Gewoan krekt dwaan oft dyn noas bliedt, Henk, dan kin der mear neat fout gean. Mar ja, dat moatte jo fansels earst mar kinme.....




Siswizen

Better ien Peugeot op 'e dyk,
as tsien by de dealer.

<http://www.spulwike-littenseradiel.nl>




oranjewoud
www.oranjewoud.nl



**Noordmans
Licht
&
Geluid**

Jarich Noordmans
Waling Dykstrastrjitte
8843 KG Spannum
☎ 0517-342118




**TECHNISCH METAALBEDRIJF
DE JONG B.V.**
WOMMELS



MEER DAN 35 JAAR OPTIMAAL VAKMANSCHAP
uw adres voor:
C.N.C. DRAAIEN / FREZEN - MACHINEBOUW - LASSEN
tel 0515-331627 fax: 0515-332731 e-mail info@tmbdejong.nl
www.tmbdejongbv.nl




Attie's
MODE EN SCHOENEN

KEATSEBAEN 10
WOMMELS
TEL:(0515) 33 27 46

Autohuis Winsum
CNOSSEN & VAN DER VAART



Hét vertrouwde adres voor uw auto!

St. Michaelsberch 9 • 8831 ZM WINSUM
Tel 0517-341917 • Fax 0517-342562
E-mail info@autohuiswinsum.nl

Kijk voor ons aanbod op www.autohuiswinsum.nl



Marne Techniek
De isolatieinstallateur



De Lange Baan 21, Postbus 30, 8730 AA Wommels, Telefoon (0515) 33 25 33, Telefax (0515) 33 25 43



DE VIJF SINNEN
specialiteiten restaurant

Steeds wisselende seizoen-specialiteiten.
Gezellige partyzaal voor groepen.
Open vanaf 18.00 uur.
Zondag en maandag gesloten.
Graag tot ziens, Kevin en Daniëlle.

Hegedyk 2, 9024 EA Weidum
Telefoon (058) 251 92 17, fax (058) 251 99 94
www.devijfsinnen.nl e-mail info@devijfsinnen.nl

POESZ
SUPERMARKTEN



**BOUWBEDRIJF
FRANKENA**

de langebaan 9 - 8731 DZ Wommels
fortweg 2 - Vlieland (werkplaats)
tel: 0515-331559 fax: 0515-331263
info@frankenabouw.nl www.frankenabouw.nl

**J. V/D ZEE
SERVICES**



lutjelollum 1
telefoon 0517 39 68 86
mobiel 0654 61 85 35

Geen geld voor Windows?

Linspire
Een betaalbaar alternatief!



TC Plus
BEDRIJFSAUTOMATISERING

TC Plus Tsjerkebuorren 3 8831 XH Winsum
t 0517 34 24 00 e info@tcplus.nl www.tcplus.nl

OLA - IJS...CORNETTO-SOFT...MILKSHAKES...SLAGROOM SOFT-IJS

CAFETERIA

't NOARD

't Noard 21 WOMMELS

(gedurende de zomerperiode t/m 26 september 2004)

DAGELIJKS GEOPEND van 11.00 - 22.00 uur
ZONDAG van 13.00 - 22.00 uur
MAANDAG GESLOTEN

PATAT...SNACKS...DIVERSE BROODJES...FRISDRANKEN...ENZ...ENZ

AUTOBEDRIJF WITTEVEEN & BROUWER B.V.




Beleefd bij u aanbevolen voor:
Onderhoudsbeurten & APK
Autoschade
Banden- & uitlaatservice
Autobrandstoffen
Aankoop nieuw- & gebruikte auto's
Ruime keus occasions

Blauwhuis: 0515 - 579615 Easterein: 0515 - 331280




Edwin Meester
theatertechniek
www.meesterlijktheater.nl
Grou - 06 22554610



De Lachende Koe

Kleinzaan 35-37 8601 BE Sneek T 0515-423261

Omrop Fryslân makket reportaazje fan de Spulwike yn Easterwierrum

De jongsten fine it ek wer te gek

EASTERWIERRUM - Foar de bern fan fiif jier is it de earste kear dat sy oan 'e Spulwike meidwaan meie. Alle jierren sjochst wer de ferskillende gesichten fan 'e bern. De ien is tige entûsjast, de oar in bytsje bleu, wer in oar benijd nei itjinge dat allegearre komme sil. Dan komt de earste opdracht foar de lieders: it gerêststellen en opfangen fan 'e bern. As hiene se allegearre op in kursus sitten; ek fan it jier gie it wer geweldich! Yn de koartste kearen sieten alle bern op 'e tribune en songen se út folle boarst de typyske Spulwike ferskes mei. Dan is it alle jierren wer tiid foar de âlden om it Spulwike-terrein yn Easterwierrum "frijwillich" te ferlitten. Spesjaal op dizze moarn wie dat Omrop Fryslân mei in reportaazjewein yn Easterwierrum oanwêzich wiene. In kameraman en in sjoernalist wiene dwaande mei it meitsjen fan in reportaazje oer de Spulwike. Se makken opnames fan de bern dy't al drok oan it tinten bouwen wiene en stelden guon noch wat fragen. Mediateam-sjoernalist



De bern roppe en raze alle ferskes mei

en takomstich foarsitter fan de Stifting Spulwike Littenseradiel Tjerk Kooistra waard boppedat ek noch oan in ynterview ûnderwurpen. De lieding gie ûndertusken troch mei de earste spulstjes, dy't bedoeld binne om de bern mei elkoar yn 'e kunde komme te litten. De Spulwike yn Easterwierrum is begûn.

Hagenees mei rattelapparaat set Weidumer arena op 'e kop

WEIDUM - Om't je as Spulwike Mediateamlid je oandacht ferspriede moatte oer de trije Spulwike-doarpen, wie ik fan 'e moarn al betiid ûnderweis fan Weidum nei Easterwierrum. Tsientallen bern fytsten my temjitte. Guon bern wiene al har stimmen oan it oefenjen mei it "Holle-Bolle-Tsjing", oare bern sieten rêstich op harren fytske yn ôfwachting fan wat kommen soe.

Ien fan dy jonges dy't rêstich op syn fytske siet, wie lytse Jelle. Ik beslút myn auto te kearen en mei myn reportaazjewein neist him by it fytspaad del te riden foar in fraachpetear. Op de fraach oft er ek sin hat oan 'e Spulwike, antwurdet hy dat er net meidocht oan dy 'stomme' Spulwike. "Soks is ommers foar famkes", fynt er.

Lokkich tinkt net elkenien der sa oer. Want yn Weidum stoarmje de bern tusken njoggen en healwei tsienen it fjild op. De loft driget, de bern binne drok, mar de stemming is goed. Ik sjoch lykwols allinne bern en haadlieders, mar gjin lieders. Soene se yn Weidum dit jier gjin lieders krije kinnen hawwe? Fia mikrofoanman Nico wurdt my dúdlik hoe't de foarke yn 'e stâl sit. Hy leit de bern út dat har lieders har yn it doarp ferstoppe hawwe. De measte groepen hawwe twa lieders, mar guon sels trije. It binne dan ek allemachtich grutte groepen fan sa'n tolve bern. De bern sykje troch hiel Weidum nei har lieders en de measten hawwe it der net maklik mei. De groepen mei bern út Weidum hawwe in foardiel: sy kenne ommers alle steechjes en strjitten fan it doarp.

witte: as ik earne it mier oan haw, dan is it wol oan tillefoans dy't ôfgeane wylst ik in petear mei immen haw.

It tillefoanpetear fan Nico is lykwols troch fersin troch de man fan it lûd op de ynterom oersetten; elkenien kin it wurd foar wurd mei krije. Nico hat de, yn Den Haag, wrâldferneamde Rommie Romijn oan 'e line. Hy sit yn in helikopter krekt boppe Weidum en kin net lande op it skoppersfjild, dêr't Spulwike Weidum syn kamp opslein hat.

Nico hat in telfoangesprek dat per ongeluk troch de man fan it lûd op de intercom setten wurdt; eltsenien kin it hearre. It is, de yn Den Haag wrâldberomde, Ronnie Romijn. Hy sit yn in helikopter krekt boppe Weidum, mar kin net lande op it skoppersfjild, dêr't it kamp is. Hy fertelt dat er ophelle wurde wol efter de tsjerke wei. Haadlieder Arjan rydt as in gek nei Ronnie ta om him op te heljen. Noch gjin trije minuten letter stiet de Hagenees yn syn mâle klean op it fjild. Hy hâldt de Showbizquizzzzzzzzzzzzzzzz. En dy lêste letter oefenet er eefkes mei de bern. As se de 'z' allegear lûd útsprekke, sil de sinne trochbrekke beswart er ús. "Daar is de zon al mensen", seit Ronnie mei in dúdlik Haachsk aksint.

De bern krije allegear fragen oer de wrâld fan Showbiz. Hylyt moatte se in bepaalde letter fan it antwurd noteare; alle antwurden byelkoar foarmje in wurd. Wa't it wurd wit, moat nei Ronnie rinne om him it antwurd te fertellen. By it goede antwurd makke Ronnie leven mei in soarte fan rattelapparaat.



De wrâldferneamde Ronnie Romijn

Nei sa'n oardel oere binne bern en lieding dan dochs mei elkoar yn 'e kunde kommen. En de bern kinne Weidum fansels nei de syktocht fansels wol úttekenje. By it ranjadrinken falt myn each op lytse Jelle. Lûd sjongend sit er tusken oare bern mei in read shirt oan. Hy merkt my ek op en rint nei my ta. "Hie ik dy eefkes moai te pakken fan 'e moarn!", seit er.

Ronnie Romijn

Nico Hettinga is sûnt in jier as wat mikrofoanman yn Weidum. Op moandaitemoarn om in oere as alve wol ik eefkes mei him prate Gewoan in fraachpetear. Mar as wy krekt los binne, bart it: hy krijt tillefoan. En jim moatte

It sjocht der allegear hiel aardich en gesellich út en alle groepen dogge fanatyk mei. Guon lieders meie har sjongkeunsten hearre litte. Mei de fermelding dat Nanne better sjongt as Arjan en Andrys brulle kinne, woe ik it hjir by litte. Oan de ein fan it spul wurdt dúdlik dat de groep 'en de Mol' wûn hat, mei dank oan it feit dat se de joker ynsetten hawwe. Ik nim eefkes in ynterview ôf mei ien fan de lieders fan it groepke. Janneke is hiel lokkich mei dizze earste punten en hopet dat se freed mei de beker yn de hannen stean kin.

Spulwike begjint yn Littens: lieder Libbe Poppema kin it tempo net byhâlde

EASTERLITTENS - Moarns om njoggen oere wiene se yn Easterlittens alwer drok dwaande mei de lêste tariedings foar de komst fan 'e bern. De earste bern kaam de lieding yn Littens suver wat oer it mat. In soad bern wurde nei Littens brocht troch har âlden. Dat soarge ek fan it jier wer foar aardich oerbelêste parkearfakken. Lokkich wie der noch al wat romte oer foar oar ferkear, want ynienen kaam der in plysje-auto mei sirene de buorren yn draaien. Efter de plysje-auto oan kaam in auto mei blyndearre ruten; dêr moasten wol wichtige minsken yn sitte. Fjouwer mannen yn it swart stapten út de efterste wein. Ik frege har wa't se wiene. "The Man in Black", wie it antwurd. It die bliken dat twa fan 'e pakkemannen de mikrofoanmannen fan Littens wiene; de oare twa holden de boel strak yn 'e gaten, wapene mei twa grutte wetterpistoalen. De lieders waard fersocht om yn it midden fan 'e arena plak te nimmen. De bern mochten har tydlike lider útsykje en gongen dernei yn it doarp op syk nei har echte lieder. Dy koene se fine troch twa fragen te stellen oan in mooglike lieder. As se beide kearen it goede antwurd joegen, hiene se de goede te pakken. De fragen hiene te krijen mei de namme fan it groepke. Doe't alle groepen de goede lieder te pakken hiene, gie it hiele spul op nei it plein om dêr te roeien en te sjongen. Dêrnei kamen alle bern wer by elkoar op it fjild, dêr't in moaie arena opboud wie. De bern mochten in plakje útsykje dêr't se graach har tinte opbouwe woene. Fol entûsjasme waard der begûn mei it bouwen fan 'e tinten. Dêrby wie it iene groepke kreativer en

rapper as it oare. Benammen it groepke fan Libbe Poppema hie it dreech om it tempo fan de oare groepkes by te hâlden. Dat lei him net oan 'e bern, mar oan it beheinde boutesnyske ynsjoch fan har lieder! Wat dizze razende reporter al opfoel, wie dat it groepke mei de klinkende namme "De Glitterkes" it mar goed foar elkoar hiene. Nei in koart skoft mei in bekerke ranja, gongen de tintebouwers wer fierder. De lieding hie noch in ferrassing yn petto: se hiene in "wyntest" regele. De measte fan 'e tinten koene dy test net trochstean. Guon bern hiene har nocht fan it skilderjen fan 'e boerden foar de tinte en besletten dat it folle leuker wie om har lieder te bekladderjen! Doe't de measten tochten dat de tinte wol stean bliuwe soe, wie it tiid foar de "knock out show", wêrby't lieders punten fertsjinje koene foar it skoareboerd foar har groepke. De dei yn Easterlittens waard ôfsluten foar de bern mei Lee's Honeymoon Quizz, in seiskamp.

Easterwierrum sûnder stroom

EASTERWIERRUM - De wike begûn dochs noch mei in bleek sintsje; yts dêr't de measte frijwilligers net op rekkene hiene. Spitigernôch koe de sinne syn macht net behâlde en foel der sels hiel eefkes in spatsje rein. Dat koe lykwols de wille net yn 'e wei stean. Dochs drige der noch in grut probleem yn Easterwierrum te ûnstean. Yn dizze wrâld, wêryn't alles draait om technyk, ûntstiet dus echt in problematyske sitewaasje as dyselde technyk jo sitte lit. En dat wie it gefal. It hiele Spulwike-kompleks yn Easterwierrum kaam ynienen sûnder stroom te sitten. In ramp drige, want de megafoans wiene net ûnder hânberik en de lûdsynstallaasje wurke net. Lokkich koene de Easterwierrumer mikrofoanminken mei har stimmen al it hiele fjild beroppe, sadat de bern dochs noch wisten wêr't se hinne moasten. Yn tsien minuten wie der rêding; ynstallaasjebedriuw Van der Meer & Zn holp bern en lieding út 'e brân. Neffens Van der Meer wie de stroom útfallen omdat der wetter yn 'e kabel fan 'e mediakaravan kommen wie. Dêrom hawwe wy as mediateam ek ús ekskuzes oanbean oan de Spulwike-organisaasje yn Easterwierrum troch har de oare deis by de kofje te traktearjen op in stevich gebakje. En algau klonk it mediateam is oké olé.....en dat fine wy moai.



Tinten bouwe yn Showbiz Littens

Dûnsjende apen en sjongende famkes yn Easterwille

EASTERWIERRUM - It wie rêstich yn Easterwierrum, de bern hawwe wat dronken., wat iten, dat se koene der de hiele middei wer tsjinoan. By it ynsjongen oan it begjin fan 'e middei, komme der twa frjemde snuters it fjild op draven. Se sochten talint, se woene immen fine dy't better wêze soe as Jim; se sochten it Spulwike-Idol.

It wie in heal Ingelsk heal Frysk pratend duo: Henk Jan Smits en Jerney Kaagman. Der wie yn jammerdearlik yts, it talint dat se sochten moast âlder wêze as 16 jier.. En dat binne de bern fan de Spulwike net. Dus moast de lieding har keunsten mar fertoane. Dat hawwe se dien....en hoe! It begûn mei de Smurfen, Cargamel en fansels Vader Abraham. It wie geweldich. Mar de sjuery wie net alhiel ûnder de yndruk. "Der moat hjir mear talint wêze I think" sei Henk Jan. En dat wie der. Dûnsjende apen en in pear

sjongende famkes makke de bern hielendal gek. Ek de sjuery wie hjir sa fan ûnder de yndruk dat se de dames in kontrakt oanbiede woene. Nei in tillefoantsje mei Jim en Carljinn fan K3 is dat ek bard. De apen krigen gjin kontrakt, dy hawwe wy dan ek net wer sjoen. Dêrnei folge noch ien optreden en de bern diene mei. Se songen de longen út it liif om har lieders te helpen by dit Idols aventoer. "Wy moatte noch gean, there is an protte talint here", sei de sjuery en ferliet Easterwille mei in oantal kontrakten yn 'e bûse. Dêr sille wy grif mear fan hearre.

It wie geweldich hoe't de bern reagearren op de mikrofoanman en -frou. As der frege waard om talint by de bern, waard dêr entûsjast op reagearre; fan falske beskiedenheid hiene dizze bern gjin lêst.



De smurfen wachtsje yn spanning ôf wat de sjuery sizze sil

Galerie
Verfwinkel

Terp 38, Wommels
Tel. 0515-331505

Nijdam

in kunst en kleur

Openingstijden:

Dinsdag, Donderdag, Vrijdag en Zaterdag
10.00 - 12.00 en 13.30 - 17.00 uur en op afspraak

Kafé Restaurant Bergsma



Easterein

FOAR AL JO BRULLOFTEN EN PARTIJEN
Ek leuk foar jirdefeestjes.
Kanoarrangement met patat, appelmoes & ranja foar € 6,50 p.p.

Telefoan 0515 331290 E info@cafebergsma.nl

Holle Bolle Sûkerbôle!

Foar de lekkerste sûkerbôle, brea en banket.
Geane jo nei Posthuma,
de *Echte* Bakker



De *Echte* Bakker

Posthuma

Wommels - Bolsward - Sneek - Tel. 0515-331406



Complete supermarkt met:

- Versafdelingen (slagerij, groente en fruit, vleeswaren, kaas).
- Verkoop drogisterij artikelen /-geneesmiddelen.
- PTT agentschap + mogelijkheid geldopname.
- Bloemen en planten.

Wij heten u van harte welkom.

Fam. Tolsma - Kleasterdyk 33 - Winsum
Tel. (0517) 34 16 69 - Fax (0517) 34 16 17



INSTALLATIEBEDRIJF **DE JONG**

Het adres voor aanleg, uitbreiding en onderhoud van:

- Electrisch
- Water en gas
- Sanitair
- Verwarming
- Zinkwerken/dakbedekking

Ook kunt U bij ons terecht voor onderdelen, accessoires,
onderhoud en reparaties.

† Heechhlem 2, Easterein, tel. 0515-331512
www.hotselect.nl

GAS - WATER - ELEKTRA - SANITAIR - VERWARMING



ELEPHANT
OFF-ROAD EQUIPMENT

**OFF-ROAD PREPARATIE
DIESEL TUNING
IN/VERKOOP LANDROVERS**

Sibadawei 1 8734 HE Oosterend
Tel. 0515 33 12 50 Fax. 33 29 06

**Scheeps- &
Jachtbetimmering
Interieurbouw**

bars - balies - kasten
exclusief meubilair

S. Heeringa

Walperterwei 10 • 8731 CC Wommels
telefoon (0515) 332267 • fax (0515) 331257



Altijd op voorsprong met **JOHN DEERE**



Aantrekkelijk
geprijsd



JOHN DEERE

Bos Tuin & Park

Noordereind 2/a
8823 SN Lollum
tel. (0517) 46 91 74
fax (0517) 46 93 95

Nijdam
oldtimer restauratie



Ilsbaan 15, 8731 DW Wommels
Tel. (0515) 30 33 25, Fax (0515) 33 33 91

Het meubelhart van Friesland klopt bij

RESI
wommels
Wooncentrum

De IIsbaan 10, 8731 DW Wommels
tel. (0515) 33 28 60 fax (0515) 33 21 23



**Paul Drijver
Bedrijfskleding**


Sportkleding & Promotiekleding

Dûbelestreek 20, 9035 AJ Dronrijp
Tel.: (0517) 34 22 66 / 06 29 09 57 52
Fax.: (0517) 23 20 06

Couperus Hydrauliek

Fabrykswei 9 - 8734HV Easterein - 0515 332288

JAAP HOEKSTRA



- Voor al uw
- * Zand soorten
 - * (Sier) Grinden
 - * Tuin gronden
 - * Erf verharding
 - * Kippertransport

* 06* 51509280 *

DeGroot
DAKBEDEKKING & ZINKWERK

nieuwbouw - renovatie - onderhoud

Hoptilsterdyk 2 9027 BC Hijlaard
058 - 251 97 60 mobiel: 06-105 868 21



SKILDERWURKEN

Ferry de Boer

BEARS - 058-2519478

Oscar stellen yn Weidum: mikrofoanman Nico arrestearre

WEIDUM - Hy stie samar foar myn noas. In kealjende man fan yn 'e tritich. Hy seach der wakker agressyf út en ik doarst dêrom net te ticht by him te kommen. Wat fierderop stie in man mei in foute gouden ketting en wer wat fierder stie in dame dy't klean oanhie, dy't de measte Weidumers net oan hawwe. Wat is der oan de hân yn Weidum?

Sil ik eefkes mei dy keale man prate? Ik doar it net, mar ik moat al fan myn baas. Ik stap foarsichtich op him ta en begjin al te stammerjen, sûnder dat ik noch mar ien wurd útbrocht haw. "Wa-ha-ha binne jo-o-o?", freegje ik. As reaksje op myn fraach, blaast de man in wolk reek fan syn sigaar yn myn gesicht. "Hy mei inkeld mei bern prate", fertelt Tialde, ien fan de liederen dy't in foksejacht organisearje op de moandeitemiddei yn Weidum.

Fandêr al dy nuvere gesichten yn Weidum. "Dat binne bekende Weidumers ferklaaid as bekende Nederlanners", leit Tialde my út. It docht bliken dat der in Oscar stellen is en de bern moatte der efterkomme wa't dat dien hat. De bern drave troch it doarp en stelle sadwaande de kondysje fan de lieding bot op 'e proef. Uteinlik docht bliken dat mikrofoanman



De plysje

Nico de dieder is. Hy wurdt daliks arrestearre troch in echte plysje, dy't mei in grutte bus útrukt is. Eefkes skrok ik noch, om't ik tocht dat hy foar my kaam. Ik hie nammentlik myn auto ferkear-dom parkeard yn in strjitte dêr't it ienrjochtingsferkear is. Lokkich komt er lykwols foar Nico. Albert Dirk en Edwin fan de haadlieding fan Weidum skrikke al eefkes. Anst moatte sy foar de mikrofoan komme en dat wolle se net. En de bern ek net, allinne al fanwegen it tekoartsjittende sjongtalint fan Arjan. Uteinlik docht bliken dat der sprake is fan in misferstân; Nico wurdt wer frijlitten. De plysje ferlit it doarp, mar net "onverrichter zake": op it foarrút fan myn mediateam-auto pronket in giel briefke. Soks neame se in bekeuring.



De foksen yn Weidum

Omrop Fryslân op besite by Spulwike yn Easterwierrum

In mediateam lykas wy dat binne, hat fansels in oanlûkende wurking op oare media. Alle Fryske sjoernalisten wolle fansels meiprofitere fan it súkses fan it mediateam en wy binne dan ek net te beroerd om har te wurd te stean. Juster hiene wy ûnder oaren besite fan Omrop Fryslân. Hjirûnder de letterlike werjefte fan dat ferslach.

Arjan de Boer (presintator yn de studio; hy iepenet mei in yntroduksje): it is safier! De earste wike fan de simmerfakânsje. Mar it is min waar. Skoalbern út Littenseradiel hoege har yn alle gefallen net te ferfelen, want it is wer Spulwike. Eartiids oprjochte foar bern dy't net op fakânsje koene, no foaral in feest foar hûnderten bern en frijwilligers.

(Dan begjint it ferslach fan Harmen Weistra, dy't de fragen stelt en de voiceover docht.

Harmen: Driigjende loften by de start fan de Spulwike yn Easterwierrum. Mar gjin soargen: it "min waar-program" leit al klear. Mear as seishûndert bern dogge mei en de 165 frijwilligers binne suver noch entûsjaster as de bern.

Tjerk (fan it mediateam ferskynt yn byld en leit wat út oer de Spulwike):

"It is nuver, mar fan it jier is sels in wachtlist ynsteld foar nije leiders, want sa'n soad liederen binne der no ien kear. Dit om't it nei alle gedachten dochts sa leuk is om te dwaan"

Harmen: "Wat is der dan leuk oan?"

Tjerk: Jo binne de hiele wike dwaande mei bern, mei it betinken fan spultsjes, mei it organisearjen en it groepsproses. Sokke dingen binne leuk.

Harmen: Benammen de lytskes fine de Spulwike, dy't al mear as tritich jier in súkses is, prachtich.

Harmen ynterviewt in pear bern dy't oan de Spulwike yn Easterwierrum meidogge.

Harmen: "Wat fynst hjir moai oan?"

Ewout (hy docht mei as bern yn Easterwierrum): "Alles!"

Harmen: "Alles?"

Ewout: "Ja."

Harmen: "Wat dogge jim hjir allegear?"

Ewout: "Tinten bouwe en balgoaie."

Harmen: "Neist Easterwierrum wurde ek yn Easterlittens en Weidum spultsjes dien. Al is't foar de organisaasje somtiden dreech om it de âlderen ek nei it sin te dwaan.

Wat is leuker, kompjûterje as hjir wêze?"

Johannes: "Kompjûterje!"

Harmen: "Wat dochst hjir dan?"

Johannes: "Saaie spultsjes."

Harmen: "Wêrom bist hjir dan?"

It docht bliken út meinammen de lêste sin dat de ferslachjouwer net echt goed harke hat. Fansels is der freed gjin optocht. Mar goed. Leuk dat sy eefkes oandacht oan ús besteegje. Dêrom tochten wy hjirmei ek eefkes oandacht oan har te jaan te kinnen.



Omrop Fryslân nimt op foar Hjoed



Bern fan Littens fine spultsjes gewoanwei fet

EASTERLITTENS It wie in gesellige drokte yn Easterlittens. De bern hiene it tige nei 't sin, want de Honeymoonquizz stie op it program. Dat wie in soarte fan seiskamp mei ûnderdielen lykas:

- blyn lijnbalje (in grut kleed in plak fan in net)
- blikje goaie
- in spûns race (mei wetter derby fansels)
- in rûn foarwerp om in kaktus hinne goaie
- langlaufe mei in hiele groep
- piramide bouwe mei plestik bekers (dat wol goed mei sa'n wyn)

Guon fûn it spul leuk, oaren wol aardich en wer oaren gewoanwei fet. Neffens myn ynskatting fûnen de liederen de spultsjes ek hartstikke fet.

Nei ôfrin stiene der wer in pear molkebussen fol ranja klear foar de toarstige bern. Doe rûn de dei foar de bern ek al wer nei syn ein. De earste âlden wiene alwer ree om har bern mei te nimmen. De dei waar ôfsletten mei inkele húshâldlike meidielingen en de bekende Spulwike-yell "Holle Bolle Tsjing".

Doe't de measte bern fuort wiene, die bliken dat yntusken dochts it gros fan 'e tinten tsjin de flakte lei. Dy omstannichheid brocht de lieding lykwols net yn in mineurstimming, want se songen der noch hyltyd flink op los doe't se op de groepsfoto kaam. It kaam my noch ter earen dat ien fan myn kollega's fan de Ljouwerter krante ek noch del west hie foar in koart ynterview. Fierder is der noch trije kear in besite brocht oan dokter Bergwerff, dy't it mar drok hat dizzer dagen. It wie tiid foar it neipetear: tiid foar my om wer fierder te gean dus.

Weidum evaluearret

WEIDUM - Jim moatte witte dat ik, de spesjale ferslachjouwer fan it Spulwike Media Team, jierren en jierren as bern en as leider meidien haw oan de Spulwike. As lieder fûn ik it geweldich om in groepke bern de hele dei te begelieden, mar oan de ein fan 'e dei wie ik, stikem, ek wol in bytsje bliid dat se wer nei hûs ta giene.

De dei is lykwols noch net om as de bern nei hûs ta binne. Earst bekomt de lieding noch in kertierke op it fjild, dat dêrnei fuortendaliks opropme wurdt. Dan folget in tradysje: it neipetear. Under it genot fan in bakje kofje wurdt de tiid nommen om de dei dy't west hat te evaluearjen en alfêst foarút te sjen nei itjinge dat der oan tariedings foar de oare deis op it program stiet. Der wurdt folop lake oer saken dy't oerdeis bard binne en ûnderfinings wurde útwiksele. Koartom: hja hawwe it der noch eefkes oer en dêr kin in elk syn of har foardiël meidwaan.



Neipetear yn Weidumer doarpshûs

Spulwike noch altyd tige populêr

WEIDUM / EASTERWIERRUM / LITTENS - Fan dit jier ôf hâlde wy alle jierren in grut ûndersyk wêrby't hûnderten bern belutsen wurde. Ut har antwurden kinne wy dan ôfliede hoe't de Spulwike der hjoed-de-dei foarstiet. Tsjien fragen moatte ús in byld jaan oer hoe't de bern oer de Spulwike tinke. En dat liicht der net om!

De ûnderfrege bern sitte yn groep acht en hawwe sadwaande in miening oer de Spulwike yn alle doarpen. Sy moatte yn har antwurden sifers jaan fan ien oant en mei tsien.

1. Hokfoar sifer joust oan de Spulwike yn Easterwierrum? 7,2

Noat dêrby: de groep achters beskôgje Easterwierrum as it doarp fan "de lytskes", dus dat jout fansels al wat in minder objektyf byld.

2. Hokfoar sifer joust oan de Spulwike yn Easterlittens? 7,5

Noat dêrby: nim yn oanmerking wat der ek foar Easterwierrum jildt. Fierder wie opfallend by de antwurden dat benammen de survival de bern goed bybleaun is.

3. Hokfoar sifer joust oan de Spulwike yn Weidum? 7,4

Noat dêrby: de bern binne dweiltrochwert fan de rein as dizze fragen oan har steld wurde. Se hawwe krekt in mindere ûnderfining hân, en dat is fansels fan ynfloed.

4. Wat fynst fan de lieding yn de doarpen? 7,8

Noat dêrby: de lieding stie njonken de bern doe't dizze fragen steld waarden. Dan jouwe jo fansels minder gau in ûnfoldwaande.

5. Wat fynst fan de haadlieding, útsein de mikrofoanlju? 6,8

Noat dêrby: de bern hawwe as it goed is net in soad mei de haadlieding te meitsjen. As der lykwols optreden wurde moat, dan is de haadlieding der. En plysjeminsken hawwe no ien kear net by elkenien in goede reputaasje.

6. Wat fynst fan de mikrofoanlju? 8,8

Noat dêrby: De bern sjogge de mikrofoanman (of -frou) as oansprekpunt, dêr't se tsjin, oer en mei prate kinne. Dizze lju hawwe troch har fleurichheid in posityf imago en dat wurdt befêstige troch it hege sifer.

7. Wat fynst fan de fersoarging, de ranja, pankoeken, molke ensfh.? 8,5

Noat dêrby: Krijst it ieuwige gemekker te hearren oer de omstannichheid dat de sûkelademolke mikst wurde moat mei gewoane molke. Miskien in idee om dan mar mei dy Spulwike-tradysje op te hâlden?

8. Is Anno gek? 9,8

Noat dêrby: ien famke hie by Anno yn it groepke sitten en fûn Anno net gek, mar te gek. Miskien seit soks wat oer it famke yn kwestje.

9. Hokfoar sifer joust oan de Spulwike as gehiel? 8,2

Noat dêrby: Spulwike wurdt troch alle bern mei in romme foldwaande beoardield, om't it "aardiger is as skoalle en alle jierren wer oars is." De jierlikse feroaringen en fernijingen wurde posityf wurdearre. Moai sa!

It grappige oan dit mini-ûndersyk is, dat fansels net echt ta dúdlike risseltaten laat hat, dat de Spulwike yn syn totaliteit heger skoard (8,2) as alle doarpen los fan elkoar (7,2/7,5/7,4). Dêrút kin de konklúzje lutsen wurde dat de Spulwike doarpen gewoan net sûnder elkoar kinne. Yn it foar koene wy allinne mar hoopje op sa'n útslach.

Siswizen

As de kat fan hûs is,

wurdt it rêstich

Van der Wal
Straal- en coatingsbedrijf
 De Trochsninging 6, 8635 VA
Boazum
 0515 - 52 10 19

Jm Fa. J. van der Meer & Zn v.o.f.
 Dorpsstrjitte 21, 9021 CK Easterwierrum, 058-2501228
 Voor vakkundige aanleg, advies en onderhoud van:

- verwarming - cv
- waterleiding
- sanitair
- gasleidingen
- elektra
- zinkwerk
- roteringsinstallaties

Vorder komt u bij ons terecht voor:

- ✓ grote en kleine huishoudelijke apparaten
- ✓ fietsen incl. onderdelen en accessoires
- ✓ audio en video apparatuur
- ✓ tuingeredschappen

Mathilda
Makket wurk fan hier
Kapsalon Mathilda
 J.H. van Aismawei 18/A
 9045PJ Beetgumermolen tel: 058-2531612

MA2 Mantgumer
 Architecten
 Atelier
 P. Gorter
 De Greft 22
 9022 CB Mantgum
 ☎ 058 - 216 02 60

HESSEL'S
 Toilerwagenverhuur
 Verhuur van nette en luxe toilet wagens
 J.H. Kamminga
 Seerob 20
 9051 VA Stiens
 Tel. (058) 257 4539
 Fax (058) 257 2117
 Mobiel (06) 22 07 64 20
 Postadres:
 Greate Buorren 29
 8056 MV Britsum

**Eetcafé Dorpshuis
 't Skipperke Baard**
*Het oudste en gezelligste bruin café in Baard
 Dat is echt de moeite waard*
 Voor al uw: Feesten
 Snacks
 Vergaderingen
Tot ziens bij Jaap en Ida
 tel.: 0517 342288



AMMINGA
RANSPORTEN
 Voor al uw: Veervoer Speciaal paardentransport
 Bulktransport Kippertransport
 Hooi en stro transport
 Fb. E. TAMMINGA EN ZN.
 WEIDUM
 Tel. 058 - 2519219
 058 - 2519630
 meer dan 60 jaar agrarisch vervoer



W e i d u m e r H o u t
 Dekemawei 9 - 9024BE Weidum - (058) 251 9888
 Een franse knipooog naar het Friese Platteland
 * hotel
 * camping
 * eetgelegenheid
 * kanoverhuur
 * passantenhaven
 * trailerhelling
 www.weidumerhout.nl

Wheagan
 MULTI CAR SERVICE
 De Lange Baan 5
 8731 DZ Wommels
 Telefoon: (0515) 33 31 21
 Telefax: (05125) 33 31 45

**Bouw- en Restauratiebedrijf
 Sytse Douwe van der Vegt BV**
 Hegedyk 3a
 9024 EB Weidum
 Telefoon : 058 - 251 92 47
 Fax : 058 - 251 98 60
 Sinds 1938
 Restauratie/Renovatie
 monumentale gebouwen
 en boerderijen



HEMA
PRINTSERVICE
ONLINE FOTOSERVICE
 www.hema.nl/fotoservice



HOLLE BOLLE TSJING
 www.hollebolletsjing.nl



P&W
CAR REPAIR AND PAINT CENTRE
 PETER PITSTRA / MENNO WALINGA
 St. Michaëlsberch 4
 8831 ZM Winsum
 Telefoon (0517) 34 23 49
 Fax (0517) 34 23 55

Boersma's
glês- en skilderwurk
 Tsjerkebuorren 3
 9021 CH Easterwierrum
 Till. 058-2501824
 Fax 058-2501931
 Mobiel 06-29272718
 www.paint.nl
WATTYL
SOLAGARD PLUS

eetcafé JONKER SIKKE
 Hegedyk 22 - 9026 BB,
 Jellum - Tel: 058 251 95 69



Make me beautiful: Sjoerd is in Sjoerdsje wurden



WEIDUM It is tiisdeitemoarn en de sinne skynt. Jo ferslachjouwer wriuwt him noch de slieplúskes út 'e eagen, mar de bern jouwe der blyk fan dat se al in skoft wekker binne. En dyjingen dy't dat noch net wiene, wurde it no wol. Want wat is der oan 'e hân? Lieder Andrys Weitenberg rint ordinêr opmakke, mei in pear bêste ballonnen ûnder syn nâletruike en mei in strakke jurk oan, wêryn't syn lange skonken goed út komme, te paradearjen oer it fjild fan de Weidumer arena. Op it midden fan it fjild draait er noch in rûntsje. Efter him oan lieder Sjoerd, of miskien moatte wy sizze, Sjoerdsje van Beem, dy't der sa mooglik noch moaier útsjocht en ferriederlik mei syn heupen oan it bewegen is.



Mikrofoanman Nico Hettinga dy't de punten ferdiele mei, jout him dan ek de folle mep: 14 punten. Yn Weidum binne by de lieding dizze moarn manlju froulju en froulju manlju. De bern hawwe dan ek drok dwaande west: alle mooglike klean hawwe se har lieder oanlutsen en har gesichten beskildere mei make-up. It liedt ta hilaryske taferielen en kommintaren: "Myn beppe sjocht der noch better út", seit ien fan 'e jonkjes op 'e tribune as lieder Halbe Algra foarby paradearret yn syn jûnskledsje dêr't benammen it bilwurk goed yn aksintuarre wurdt (al sil dat ek wol wat te krijen hawwe mei de earder neamde ballonnen). As Andrys Weitenberg foarby komt, seit der ien: "Hé juh, dat is de rûge ferzje fan Pamela Anderson."

Henk-Jan en Jerney fine bern it leukst

EASTERWIERRUM - Wat in spannende happening yn Easterwierrum! Der kamen ynienen twa bysûnder útsjende minsken foar it fuotljocht. It wiene de twa sjueryleden fan Idols: Henk-Jan en Jerney. Dat wiene foar de measten âlde bekenden, want se hiene de foarige dei ek al ris west. Idols gie fan start mei in optreden fan Albert, Boukje, Tsjitske, Pytsje, Gosse en Petra. Dy bysûndere talinten brochten in nûmer dat op it stuit in dikke hit is, mar wêrfan't nimmen wit hoe't it hjit. Dochs wie de sjuery ûnder de yndruk fan itjinge dat se te sjen en te hearen krigen. Allinnich wie der lichte krityk op de styl fan dûnsjen fan Albert, dat dy moast noch eefkes allinnich yn de rûnte sjen litte dat er wol better koe. De kabouters Klus, Plop, Smul, Kwebbel en Lui ferskynden foar op it toaniel. Sy brochten it oansteklike nûmer de kabouterdûns.

Pankoeken, iis en Idols yn Easterwierrum

EASTERWIERRUM - Foardat de optocht begûn, moast der earst noch wat wurk fersetten wurde. De tinten moasten oprutsen wurde foar de folgjende groep jonge bern dy't de oare deis komme. En nei't je de hiele dei drok dwaande west hawwe, hawwe jo fansels bêst wol nocht oan wat. Lokkich binne der dit jier ek wer in hiel soart pankoekmemmen oprotrommele dy't mei elkoar in hiel soad pankoeken te bakt hiene. It is dochs wol geweldich dat der alle jierren wer sa'n 40 minsken belangeleas meiwurkje om de bern fan pankoeken te foarsjen. Geduldich wachtsje de bern op har pannekoeken. Mar earst moast de "Kabouter Plop Dûns" noch in kear opfierd wurde; dat ta grut genoegen fan 'e (dochs wol in bytsje wurge) bern. Doe wie it einliks safier. Pankoekfrou Marjan begûn mei har "pankoek-elfjes" de pankoeken út te dielen. Dêrnei mochten alle groepkes wer nei har yntusken heal ôfbrutsen tinte ta gean, dêr't se genietsje koene fan de oerhearlike pannekoeken. Der wiene sels noch in pear oer foar jo hongerige ferslachjouwer. Nei it iten wie it tiid foar de ôfwask want it boarden en pannen moatte fansels al wer skjûn nei hûs. De lieding hie boppedat noch in ferrassing foar alle bern yn petto. In lekkere fette iisko; soks is fansels altyd wol yn te nimmen. En dêrby waard it oanwêzige mediateamlid ek net fergetten; de fersoarging yn Easterwierrum is top! No wie it foar de bern tiid om har te ferklaaien foar de optocht. Noch wat smink op it gesicht en klear bist. Al hiene de measte bern de kast al leech skuord om der ek hjoed wer tip top út te sjen. Mar earst moast fansels noch al eefkes it Spulwike-repertoire hearre litte oan alle âlders en oare besikers. Mei it bysûndere liet "Harry de Hengst", waard der oan de persoan mei dyselde bynamme noch

Ter land, ter zee en in de lucht yn Littens: Jelle Wierenga hast fersûpt

EASTERLITTENS Nei twa jier is it dan dochs in kear sa fier. Mei it waar liket it bêst, it kin dan dochs oangean: der sil survivele wurde! Op it program stiet "Ter land, ter zee en in de lucht": spultsjes yn en om Easterlittens, yn it wetter benammen. En nimmen waard sparre; de lieding net en de bern ek net. Oan it ein fan de rit wie elkenien dweiltrochwiet. Op âlde binnenbannen fan trekkers jeesden bern oer it wetter, dêr't se ek mei in slinger oerhinne besochten te springen, mar meastentiids dochs midden yn foelen. Allinne by it kratsjebouwerij wie is risiko om in wiet pak te heljen te oersjen, mar doe reinde it krekt.... Spektakulêr wie fansels benammen de kabelbaan. Bern koene yn teory droech oer as se har skonken wat ynholden; de lieder koene der yn it foar lykwols al wol fan útgean dat syn yn alle gefallen oant de nâle ta wiet wurde soene.



Wetter...

eefkes omtinken jûn. Doe wiene wy safier en koe de optocht begjinne. Under begeleiding fan it pleatselike korps gie it hiele spul op en paad. Op in wein spile it korps de goed yn it gehoar lizzende Spulwike-ferskes fakkundich mei. De minsken wiene massaal tastreamd om dizze fleurige gebeurtenis meimeitsje te kinnen. En ek de hiele lieding fan de oare doarpen wie nei Easterwierrum kaam om fan de optocht in ûnferjitlik feest te meitsjen. De optocht einige dêr't er ek begûn wie: op it fjild. Dêr wiene ek de sjueryleden fan Idols; sy makken de útslach bekend fan Idols-wedstriid fan de ôfrûne dagen. It lei fansels al in bytsje yn de ferwachting, de sjueryleden wiene hyltyd al hiel entûsjast oer de úteinlike winners: de bern. Dy stutsen mei kop en skouders boppe de rest út. De bern krigen ek noch in kadootsje: in moai fotoliske, mei dêrop de foto fan har groepke. De Spulwike sit der wer op foar dizze bern. Se sille wol lekker sliepe kinne fannacht. De lieding fan Easterwierrum kin har mar tariede op in nije groep Spulwike-bern.



Bern ite pankoeken

Moai wie ek de yndianebrêge, dy't oer de hiele breedte fan it wetter spand wie. De bern draafden der wakker oer hinne. It slagge de measten noch wol in kom droech oer. Lieder Jelle Wierenga fan Littens moast as lêste de tocht oer it wetter weagje. Alle bern en de oare lieder stiene al oan 'e oare kant fan it wetter. Jelle koe al yn it foar goed ynskate dat it in ferlerne saak wie foar him en besleat de ear oan himsels te hâlden: hy draafde mei in moardtempo oer de brêge fan matten en einige yn 'e plomp: kopke ûnder. Lokkich ferskynde syn holle nei in skoftsje al wer boppe it wetteropperflak. Gelokkich: Jelle is der wer!



Wetter...



En noch ris wetter

"heb je even voor mij" fan Frans Bauer. De sjuery wie perpleks fan it optreden. Nei in telefoanysk oerlis mei Aalsmeer besletten se har in fet kontrakt oan te bieden.



Koart nijns!

Nico fielt wietichheid

WEIDUM - Mikrofoanman Nico, dwaande mei syn ôfskiedstoernee op Weidumer grûn, sliept de lêste dagen net mear sa botte goed. Hy is nammentlik benaud dat er wurde sil op tiisdeis en woansdeis, mei de spullen dy't foar dy dagen op it program stiene. Gewoanwei wolle bern Nico wiet hawwe mei de survival, mar wit de lieding soks wol tsjin te hâlden. No hat Nico eangst foar meinammen die lieding. Juster hat er al twa pear nije skuon ophelle, sadat er yn alle gefallen droege fuotten hâlde kin.

Jaap lêst it etappeskema foar hjoed

WEIDUM - Debutant-lieder Jaap Toering riedt him alle moartiden goed ta. Hjir op dizze foto besjocht er de rûte fan de survival en hy wit presys wêr't de strûkelblokken sitte. Dy wol er lykwols net priisjaan. "Dan soe ik oaren yn 'e kaart spylje en dat is fansels net de bedoeling", seit de achttjinjierrige ynwenner fan Weidum.

Lieder rint tsjin de peal

EASTERLITTENS - Om't it nochal wat tsjusterder is troch de donkere loft, is in lieder blessearre rekke. Henk Ernst seach de peal fan de tinte dêr't de lieding yn sliept oer de holle en hy rekke de peal goed. In hechtpleister moast der oan te pas komme om it blieden fan syn kin te stjelpen.

Bergwerff hat it der mar drok mei

EASTERLITTENS- Dokter fan tsjinst yn de trije doarpen, de hear Bergwerff, makket oeroeren. Earst wie der it ûngemak mei leider Henk, letter moast er noch twa kear yn aksje komme. In bern dat meidwaan soe yn Littens, fûl op de Winsumer brêge en wie eefkes bûten bewustwêzen. Letter op 'e dei kaam in liederster ûngelukkig ten fal nei't sy stoeid hie mei lieder Jelle. De feroarsaker fan dit lijen ferdigenet him goed: "it moast fan de bern, dus die ik it foar de bern". Dat dan hat it yn alle gefallen earne goed foar west, sil wy mar sizze. De dokter tocht hjir lykwols oars oer. Hy ferliet it Littenser terein mei in one-liner fan in bekende Fryske waarman: "Oant moarn, tot morgen".

Ferkearshinder op it wetter fan Littens

EASTERLITTENS - As jo tinke yn de earste wike fan de simmerfakânsje in moai eintsje farren te kinnen, dan moatte jo al witte wêr't jo al en net mei de boat komme kinne. Sa tochten hiel wat minsken in moaie rûte oer Littens farre te kinnen. It die bliken dat dat net sa'n ferstandige kar wie. Yn Littens is sûnt minskeheugenis de oerlibbingstocht op dy dei en dan hawwe hja fansels it wetter nedich foar Yndianebrêgen en kabelbanen. De wettersport moat dan mar eefkes geduld dwaan.

It is boppedat rûnút dom om dan te farren. Yn it earste plak is it rûnom bekend dat der Spulwike is en ek it waar nedicht ek net echt út om te farren. Eigen skuld, dikke bult, sille wy mar sizze.

Marco van der Meer, in wettersport út it westen fan it lân, is it dêr net mei iens. "Ik vind het ronduit belachelijk dat ik word tegengehouden door een stel jongelui die wat kinderen bezighouden. We zouden een mooie rondtocht maken door de Zuidwesthoek. Nu kunnen we echter de boot wel in z'n achterruit gooien."


Siswizen

As der ien skiep oer de daam is, wurdt it tiid om it stek ticht te dwaan.

<http://www.spulwike-littenseradiel.nl>




mear foto's kinne jo fine op www.spulwik



Dit wie 2004
ke-littenseradiel.nl


BOUW EN AANNEMERSBEDRIJF



G. KRUIHOF

BOZUM 0515-521721

NIUWBOUW-ONDERHOUD-RENOVATIE



IJSPALEIS

Al uw diepvriesboodschappen gratis thuisbezorgd!

Een keer proberen?
Maak NU gebruik van onze speciale kennismakingsaanbieding.

Pascallaan 11
8218 NJ Lelystad
(0320) 26 51 51
internet: www.ijspaleis.nl
e-mail: info@ijspaleis.nl

Bakkerij Sybesma staat niet alleen klaar met haar brood, koek en banket, maar heeft naast dit alles ook nog andere dingen te bieden zoals:



ontbijtservice, cijfertaarten of cadeaumannet.

Boksum ☎ 058 - 254 13 23
Deinum ☎ 058 - 254 19 19



Streek 2
8207 VZ, Weidum
Tel. 058 - 254 13 23
E-mail: info@keuningbouw.nl



Veelzijdig
in Bouwen

NIUWBOUW - VERBOUW - ONDERHOUD - RENOVATIE - DIVERSE ARTIKELLEN



Postadres:

Postbus 271

8901 BB Leeuwarden

Bezoekadres

Harlingertrekweg 85

8914 AV Leeuwarden

TEL: +31(0)58 2124135

FAX: +31(0)58 2125054

E-MAIL: info@acro-souvenirs.nl

Elke week een leuke portie ontspanning in huis!

3Xw.atlasleesmap.nl

Kom eens kijken als U durft?!

of bel 058-2890688

JuniorProductions

piebe  lite

www.piebelite.nl

Idzerdaleane 7 9024 EE WEIDUM
Telefoon +31 (0)58 2519520
e-mail info@piebelite.nl



**BOUWBEDRIJF
S.J.DE JONG**

Het adres voor al uw:

Nieuwbouw, Verbouw, Onderhoud, Kozijnen,
ramen en deuren, Leveren van materialen

Grienedyk 2 9088 CB Wirdum
TEL. 058-2551961 FAX 058-2551155

Toscanini
PIZZERIA

Een klein beetje Italië
in hartje Franeker!

Noord 30 | 8801KP Franeker | 0517 395356 | info@toscanini.nl

EPPIE VEENSTRA
SCHILDERWERKEN 

onderhouds schilder hout/marmer immitatie



Dekemawei 18 Baard 0517-342077

**Meer
Markt**

De leukste
winkel in de
buurt!

MeerMarkt Meetsma Deinum heeft een ruime complete supermarkt van ruim 500 vierkante meter.

Uw MeerMarkt biedt u o.a.

Betalen met pin en de mogelijkheid om gratis geld op te nemen, P.T.T. servicepunt met diverse handelingen, bake-off afdeling, drogisterij, foto- en filmservice, slijterij, kopiëren, stomerijservice, bloemen rechtstreeks van de veiling, een ruim assortiment ECO artikelen, Gratis een ruime parkeergelegenheid.

Meer Markt Meetsma

Spoorstrjitte 11 - 9033 WJ Deinum - Tel. 058 2541517



LITTENSERADIEL

bootsma
schilders
een bedrijf met visie...

J.vd.heide@bootsma-schilders.nl

De krêft fan de survival!

WEIDUM - Der rinne in pear driptes fan har gesicht as se my opmerkt. "Meist gjin foto fan my meitsje no. Tongersdeitejûn sjoch ik der better út. Dan haw ik myn moaie klean oan." Marike sit yn groep acht en wit dat se mei de survival net op har fotosjenykst is.

De fjirtjin groepen steane nei in koart yntropraatsje fan twa as militêren útdoste liederen, allegearre klear om mei de survival te begjinnen. Sawol yn Easterlittens as hjir yn Weidum is dat sa'n rûntocht om en yn it doarp, oer en troch de fearten mei as doel dy steande te hâlden, te oerlibjen. It is yn de beide doarpen ien fan de spullen, miskyn wol it spul, dêr't de bern it meast nei útsjogge. It is it gehiel fan spanning, aksje en fermaak dat it sa moai makket.

Mar kinst dan ek net gewoan in oar spul organisearje dat ek spannend, fol aksje en fermeitsjend is, en dat itselde effekt hat as in survival? Ik tink fan net. Ast bern fregest nei wat se it moaiste fine oan in oerlibbingstocht, is der in grutte kâns dat se sizze: "it wiet wurden."

Want yndie dat skynt in bepaalde kick te jaan. As lieder haw ik it meimakke dat it mei trettjin graden, wetter yn de loft en in wynkrêftsje fiif echt freeslik kâld wie of sa fielde. Mei in dûbele laach klean koe ik it noch net waarm hâlde. En wat bart der as wy noch mar krekt bûten Weidum binne? Guon bern springe daliks yn de earste de bêste greppel en binne dweiltrochwie! En dan moatte jo noch in hele dei!

Bern fine it wiet wurden, tink ik, moai om't it no mei fan de âlden. Yn de brief is melding makke fan it feit dat der in mooglikheid bestiet (of dat de kâns grut is) is dat de bern wiet wurde. De âlden ferwachtsje it dan min of mear en dus moatte je as bern fan sa'n gelegenheid gebrûk meitsje.

De survival is troch de jierren al hiel faak feroare. Der ferdwine ûnderdelen en der ferskine oare spullen. De kabelbaan is bygelyks sûnt twa jier fan it program, om't it risiko fan ûngemakken wat te grut waard. Dêrfoar yn it plak is in tobbedûnsbaan kaam, sadat de bern de kabelbaan pas misse as ik se dat mei in fraach yn de mûle lis. "Dat hie wol moai west, mar ik bin no ek wol bekôf, hear", seit Martin, dy't der yndie net fit mear útsjocht. Syn shirtsje is dweil, syn

holle is read en hy hat it kâld. "Mar ik haw it helle, en dêr giet it om." Sa is it! It doel fan in survival is it te oerlibjen. Dêr is Martin yn slagge en alle oare bern mei him. Middeis om goed healwei fjouweren ferlitte de bern it fjild. Se hawwe har omklaaid en de wiete klean yn de tassen dien. In man dy't krekt bûten



De survival

Weidum buorket sjocht hoe't de bern har wiete klean yn har tassen dogge: "Hawwe wy einliks wer ris foldwaande wetter, nimme dy Spulwikebern it sa dus mei!" It liket yndie krekt oft it wetter yn 'e fearten rûnom Weidum wat sakke is. Wylst ik it opskriuw falt der alwer wetter út de loft. De natoer herstelt him altyd sels.

Littens giet it der relaxt om en ta." Dat is har freon mei har iens. Dochs wit Wytseke noch net wêr't se oar jier meidocht: "Ik kin no net sizze dat ik it iene leuker fyn as it oare; it is gewoan oars." Tsjerk Posthumus liket der oars yn te stean. Hy seit it net, mar neffens my fynt er it leuker yn Littens: "Ik fûn it kwa lieding wat dreger om der tusken te kommen yn Weidum; in hiele groep is dêr tagelyk begûn in skoft lyn (dat wie yn 1996, red.). Yn Littens fûn ik it wat dat oanbelanget wat makliker."

De lêste jierren wurkje de ferskillende Spulwikedoarpen lykwols al wat mear gear; der is mear oerlis tusken de ferskillende haadliedingen en op de mienskiplike jûn kinst sjen dat de lieding út de ferskillende doarpen mear mei elkoar yntegrearret. En dat is fansels ek goed, want einlik dogge wy allegearre itselde, mar dan op in oare wize.



Tsjerk Posthumus

Leaver Spulwike as op fakânsje

In fraachpetear mei trije liederen dy't fan it jier yn in oar doarp meidogge

EASTERLITTENS Ik sit neist Trees van der Werff (20), dy't út en troch sierlik en op keninklike wize nei foarbygongers swaait. Se hat har ferklaaid as Maxima; lytse Amalia hat se ek meinommen. It is tongersdeitemoarn en yn Littens is de foksejacht oan 'e gong. Foar my de gelegenheid om har eefkes oan in ynterviewke te ûnderwerpen. Trees is nammentlik net samar in Spulwike-lieder. De measte liederen, dy't langer as ien jier meidogge, dogge dat oer it algemien yn itselde doarp. Trees lykwols net: "Ik haw de ôfrûne trije jier yn Easterwierrum meidien. Ik fyn it leuk om nei in skoftsje wer ris earne oars te sjen. Op in plak dêr't jo net presys witte hoe't alles yn elkoar stekt. Ik fyn it moai om op in bepaald stuit sels wer saken ûntdekke te moatten. Yn Easterwierrum wist ik sa stadichoan wol wat de bedoeling wie." (Oer twa jier dan mar yn Weidum meidwaan Trees?; red.). Sa kaam se yn Littens telâne. Hoe fynt se it no om dêr ris mei te dwaan? "It is hjir yn Littens dochs wol hiel oars", seit Trees. "De bern binne fansels ek wer in stik âlder as yn Easterwierrum it gefal is. Yn Easterwierrum moast se by wize fan sprekken tille, hjir springe se dy samar op 'e rêch. De spultsjes hjir yn Littens binne ek wat spektakulêrder as yn Easterwierrum, al moat ik al sizze dat se yn Easterwierrum wer wat orizjinelere en kreativer binne as yn Littens as it op it betinken fan nije spultsjes oankomt."

Wytseke Vermeulen (20) docht no yn Littens mei, mar wie de ôfrûne trije jier lieder yn Weidum. Har freon Tsjerk Posthumus (22) die ferline jier ek yn Weidum mei en sit no ek yn Littens: "Wy soene op fakânsje, mar hiene noch net wat boekt. Doe't dat net mear koe, hawwe wy besluten om dochs mar wer oan de Spulwike mei te dwaan. Yn earste ynstânsje soene wy yn Weidum, mar dêr hiene se al genôch liederen. Gelokkich koene wy noch yn Littens meidwaan. Wytseke fynt it noflik dat de bern yn Littens sa goed nei har liederen lústerje: "Yn Weidum moastst in bern trije kear sizze dat er eat net dwaan moat en dan is it noch mar de fraach oft er it ek echt net docht. Wat dat oanbelanget binne de bern hjir yn Littens makliker; krijst minder gau in grutte mûle en se dogge yn it generaal wol wat jo sizze." De sfear ûnder de lieding yn Littens is ek wat oars as yn Weidum: "De groep lieding is hjir wat jonger, mar ek wat rûger. Yn Weidum is it allegearre wat strikter; yn

Optocht Easterwierrum is populêr

EASTERWIERRUM - "Jûn is de optocht", ropt Maikel. Sa't er it seit, kin it net oars as dat er der wol nocht oan hat. En foar de bern yn Easterwierrum is dat fansels ek it hichtepunt. Yn dizze grande finale rinne de bern mei it korps foarop in heal oere troch Easterwierrum. Der wurdt songen, der wurdt raasd en lake. Dêr hawwe se twa dagen foar oefene, twa dagen nei

útsjoen. En nei dizze optocht is dan ek wer oer. Foar de lieding lykwols net. Dy krije moarn wer in nije groep. Dy moatte wer nije shirtsjes meitsje, wer nammen út de holle leare en neam mar op. Mar se dogge it mei alle nocht fan de wrâld. "Oars soe it al dien wêze no en dat wol ik net, noch lang net", fertelt in lieder.



De optocht yn Easterwille

It waarwiif fan Easterwierrum

EASTERWIERRUM - Doe't dizze razende reporter fan 'e wike yn Easterwierrum ferbleau, naam M.F. út W plak neist my. Wy sieten sa wat oer it waar te praten; it wie noch al bewolke.

Sûnder dat ik it yn 'e rekken hie, siet ik neist it waarwiif. Ik tocht dat it gau begjinne soe mei reinen, mar neffens M.F. koe dat net. Sy hie in hiel eigen wize fan waar foarspellen. Sy hie de koarte broek oan en as sy dy oan hie, bleau it yn 'e regel droech, dat koe hast net misse.

Behalve diskear dan, want wylst sy my noch mear oer har waarteoryen fertelde, fûlen de earste druppen al út de loft. Us waarwyfke begûn wat beteutere te sjen, har ûnderlippe begûn wat te hingjen en se seach eangstich nei de loft.

Se sei: "As ik sa sjoch, dan reint it..."

No, der hie sy yn alle gefallen wol gelyk yn; it kloppe as in bus. Ik bin no hielendal oertsjûge fan har kapasiteiten as waarwiif. En dat iene flaterke sjoch ik dan mar troch de fingers. Dus as jim witte wolle wat it waar dwaan sil fan 'e wike: net mear Piet Paulusma skilje, mar ús eigen waarwyfke eefkes oansjette.



M.F. út W.

Lieding krijt goed te iten

WEIDUM - Jûns as de bern al lang nei hús ta binne, bekome de lieding fan de ynspannings fan dy dei. Elkenien is wurch, de magen binne leech en eefkes hawwe guon it hân. Dan komt de befrijing: it iten!

Ik sko foar de gelegenheid oan yn Weidum en wit net wat ik sjoch. Trije tafels wurde folset mei warmhâldpannen en it 'lopend buffet' is klear. In hearlike Pommes Gratin stiet klear en mei in hearlik stikje fleis der by foar elkenien. Fierder is der in kar út trije ferskillende grienten en ek noch salades. In kar foar in Spulwikemiel.

As ik eefkes om 'e hoeke sjoch fan 'e keuken yn it Weidumer doarpshûs, sjoch ik dat dêr trije lju oan it wurk binne. Dat moat ek wol. Sjef-kok yn dizze keuken, mar ek fan berop, is Roelof de Boer. Hy hat sels inkelde kearen as lieder meidien en docht no al in tal jierren it itensierderswurk, yn gearwurking mei ûnder oaren Jan Tiede Bouma fan de Weidumer haadlieding.

De ferklearring foar it feit dat der safolle fariaasje is yn it iten yn Weidum, jout Roelof. "De haadlieders en benammen ek de liederen rinne de hiele dei yn waar en wyn en ferbaarne in berch enerzjy. Dan kinne je wol oankomme mei trije pankoekjes, mar dêr rêdst it net mei. Fandêr dat wy kieze foar in goed en fariearre miel. En dat it sa lûks is, fyn ik gewoan. Itensiede is myn fak en ik haw wille yn it meitsjen fan spesjaal iten."

Nei it iten soene jo tinke dat de lieding opknapt. Dochts kostet it eefkes tiid om it iten te ferwurkjen. Dan begjint hja wer gau mei de tarieding fan de folgjende dei.

Olympyske gedachte heech yn it faandel yn Easterwierrum

EASTERWIERRUM - De dei begûn mei in lyts buike. De liederen stelden har op by har tinte yn ôfwachting fan de earste bern. Wat wol opfoel, wie dat de muzyk oan it begin wol hiel bot lûd stie. Stadichoan kamen de earste bern it fjild op. Doe't alle bern der wiene, waarden der earst in pear Spulwike-medleys songen. Wat al opfoel wie it geweldige sjongtalint fan de mikrofoanminken Arjen en Ymkje. Mar de bern hiene noch folle mear talint. Sy songen mei oerjefte har de longen út it liif. Krekt doe't de bern wer wat sykhelje koene, waard noch ris it uterste fan harren frege.

It moarnspul gie fan start op it gesellige fjild en Olympyske Spelen wie it tema. Mei de Olympyske gedachte heech yn 't faandel, giene de sportvelingen van start. Dit kondysje sloopjend spul bestie út de neikommende ûnderdielen:

Medaille meitsje, skerp sjitte, estafette (mei hoela hoep), diskus goaie, hurdrinne, peal sjitte, maraton, bowle, fjouwer op in rige, olympysk slingerje, blesuere tik





tegelhandel
julius van der werf b.v.

tegels - sanitair

sneek - lorentzstraat 19
telefoon (0515) 413 148
telefax (0515) 423 876

groningen - diamantlaan 2
telefoon (050) 312 81 57
telefax (050) 314 58 32

notariskantoor

Mr. G.S. van der Hem

Sluytmanwei 25 9023AB Jorwert
tel. 058-251 9441 fax 058-251 95 75

HdV
computers

Henk de Vries
Automatisering & Webdesign

voor uw computer op maat!

Computer, randapparatuur en onderdelen. CComputerbouw op maat
Reparaties en virusverwijdering. Onderhoud en Advies Webdesign
Applicatie-ontwerp en ontwikkeling. Kleine en grote
PC -privé projecten. Avondopstelling op afspraak.

Tel. 058 - 2501889 Fax 058 - 2501089
www.hdvcomputers.nl e-mail: info@hdvcomputers.nl
Wij leveren diensten producten aan midden- en kleinbedrijf en particulieren

REISIGER
VERHUUR
professioneel in matarieel

0800 - verhuren (0800 - 83748736)

Almere 036 - 5382211
Coevorden 0524 - 525800
Delfzijl 0596 - 550550
Groningen 050 - 5757100
Heerenveen 0513 - 657171
Nijkerk 033 - 2459551
Schagen 0515 - 435310
Sneek 0515 - 435310
Stadskanaal 0599 - 631040
Zwolle 038 - 4260055

M. van KAMMEN
CATERINGSERVICE

M. Van Kammen Cateringservice
Rhaladyk 10 - 9064 DD OUDKERK

Tel: 058 - 2563436 Fax: 058 - 2563758
Internet: www.mvankammen-cateringservice.nl

Open een Rabo TopKid Rekening
en krijg een te gek cadeau!

Een stoere kluis als je acht jaar of ouder bent. Of een Ploisie-
rugszak met een spelletjes Cd-rom van Professor Poen en
Ploisie als je tussen de vijf en acht jaar bent. Ga voor je eerste
eigen rekening snel naar de dichtstbijzijnde Rabobank of
kijk op www.rabobank.nl.

Het is tijd voor de Rabobank.



Drukkerij
van der Eems

zit in

Easterein

en ook in
Bolsward



drukkerij van der eems

Sibadawei 20 • 8734 HE • Easterein • Tel. 0515 331306 • Fax 332697

Het Witte Boekhuis • Nieuwmarkt 7-9 • 8701 KK Bolsward • Tel. 0515 575005 • Fax: 0515 576625

Bern yn Weidum moatte ek nei survival wer stevich oan 'e bak

WEIDUM - Mark sit yn groep acht en mei foar de lêste kear oan de Spulwike meidwaan. "Ik moat der dit jier dus mar eefkes flink tsjin oan", seit er. En dy kâns krijt er. Stie der juster al in leadswiere etappe op it Spulwike-program, hjoed is it miskien noch wol swierder; Ekspedysje Robinson seit it program. De 150 bern en har begelieders moatte op ekspedysje mei flot en peddels.

Moarns falt op dat de bern al wat wurch binne fan de ôfrûne dagen. Sa'n survival lykas dy fan juster, lit syn spoaren fansels wol efter. Hjoed moatte se lykwols wer stevich oan de bak, om noch mar te swijen oer de dei fan moarn.

De kommisje dy't dizze dei organisearret leit it doel fan it spul út oan de groep. Earst krije de groepkes de kâns om in stevich flot te bouwen fan tonnen, tou en pallets. En dat is noch in hiele put wurk. It flot moat nammentlik oan hiel wat easken foldwaan. Tolve bern moatte der sa'n trije kilometer mei farre kinne.

De bern sette fuortendaliks fanatyk útein. Guon lieder hawwe yn de gaten dat je better earst mei de bern neitinke en oerlizze kinne oer hoe't it wurde moat, ynstee fan samar wat te bouwen. Guon flotten lykje seewearich, oaren binne dat sa op it earste each net. Mar soks witte jo fansels pas as it flot yn it wetter lein wurdt en de bemanning syn plak ynnimt.

Mikrofoanman Nico hat in eigen flot krigen en leit al yn it wetter te wachtsjen oan't alle bern yn

it wetter binne. Dat duorret hiel lang; it probleem sit 'm yn it te wetter litten fan de flotten.

Nei in oere dobberje alle fjirtjin groepen rjochting Bears. Dat no krekt de wyn efter Bears leit en dat hja dus neist it wetter ek de wyn trotsearje moatte sille, makket it der allinne mar swierder op.

Der bliuwe nochal wat bern en leiding efter dy't mei boatsjes nei Bears fean wurde. Ien fan dy jonges is Mark. "Ik paste net op it flot, ferdikkeme, no hoech ik neat te dwaan", fertelt er teloarsteld. "Mar no kin ik my moai sparje foar moarn", relativearret er. Dan wit er dus noch net wat him aanst yn Bears te wachtsjen stiet.



Nico op spesjaal flot

10 flotten hawwe Dears nea helle!

BEARS - "Losers, losers, losers!", raze fjouwer groepkes bern nei in trekker mei wein dy't rjochting Bears rydt. Yn de wein sitte de groepen bern dy't Bears farrende op it flot net helle hawwe. Sy moasten ûnderweis de striid stake, om't se oars nei alle gedachten pas om middernacht hinne oankommen wienen.

De groepen dy't it wol helle hawwe binne dweiltrochwiet, mar oan har gesichten kinst sjen dat sy de morele winners fan hjoed binne. En as jo winne, hawwe jo it fansels net kâld. De

groepes dy't mei trekker kamen, binne like wiet, mar sy hawwe it stien- en stienkâld. Sy kinne net oer de mantel fan de fliktoarje beskikke dy't de oare bern al waarm hâldt. Sy fine treast by de gedachte dat it in ûnearlike striid wie. Mar ferlieze dogge jo altyd om't in oar in oar leit en winne is tagelyk fansels altyd te tankjen oan jo eigen ynbring. De bern kinne aanst lykwols wer lekker waarm wurde. Se meie bôle bakke by in grut fjoer om dêrnei alle gearre spultsjes te dwaan by Uniastate yn Bears.



Flotten sinke yn feart

Kommend jier twa mikrofoanminskens yn Weidum?

WEIDUM - As Mediateam wurde wy net altyd op de hichte holden fan wat der spilet yn de haadlieding. Hja binne fansels benaud dat der saken útlekke sille en yn 'e krante stean wylst dat net de bedoeling west hie. Sa is der bygelyks de kwestje Nico Hettinga. Nico folge yn 2000 Dries Gerbens op as mikrofoanman yn Weidum. Hy die dat goed en hielendal yn syn eigen styl.

Lokkich kopiearre hy net de wize fan mikrofoanman wêzen fan Dries, ek om't dy ienfâldichwei net te kopiearen is. Nico hâldt lykwols nei dit jier op en no moat de mikrofoan dus trochjûn wurde. Mar oan wa?

De syktocht nei de nije man of frou foar de mikrofoan, begjint mei it op in rychje setten fan de eigenskippen dêr't sa'n persoan oan foldwaan moatte soe. Yn it earste plak moast fansels prate kinne. En dan bedoele wy prate foar in groep. Fansels moast ek noch in bytsje sjonge kinne, mei klam op bytsje. Sawol it sjongtalint fan Nico, as dat fan Dries is net geweldich. En dan drukke wy ús noch eufemistysk út. In oare eigenskip dêr't in mikrofoanman oer beskikke moat is fansels in goed gefoel foar humor. Jo moatte de bern en de lieding sa út en troch ris eefkes flink laitsje de lieding sa út en troch ris eefkes flink laitsje litte kinne. Jo binne in soarte fan entertainer en humor fermakket altyd. Fierder moatte jo skerp wêze, ymproviseare kinne. Je kinne fantefoaren wol it ien oar betinke, mar it giet dochs altyd oars

as dat je betocht hawwe. Dan komt ymprovisasjetalint goed út.

De nije mikrofoanman of frou moat dus goed prate kinne, in bytsje sjonge, humor hawwe en ymproviseare kinne. Is der immen by de Weidumer lieding dy't oer sokke eigenskippen beskikke kin? Dy binne der genôch.

Sa hawwe jo bygelyks Sjoerd van Beem, dy't fan it jier foar de tredde kear meidraait as lieder yn Weidum. Op in kundige manier spruts hy de woansdeitemoarn de bern en de lieding ta, doe't Nico eefkes fuort wie. Dan hast fansels Anke Hoekstra en Sjoukje Groen ek noch, dy't ferline jier de bonte jûn hiel aardich fan oanelkoar praten. Tialde Ploeg liet moandei hearre ek wol oanspraak meitsje kinne soene op de fel begerde mikrofoan, ast sjochst hoe't sy it kommentaar by de foksejacht fersoargen op moandemitidei. En sa sille der wol mear wêze. Mar moat der überhaupt ien mikrofoanpersoan wêze? Yn Weidum soene hja der ek foar kieze kinne om twa minskens efter de mikrofoan te setten. Littens en Easterwierrum dogge dat al jierren en mei in súkses. Kinst elkoar dan goed oanfolle en grappich op elkoar ynspylje. Seker as it op ymprovisearjen oankomt, wurket in twatal geweldich.

It Spulwike-pensioen fan Nico soe dê mooglikheid wêze foar de haadlieding om te kiezen foar in duo. De kandidaten steane yn de rij. Kieze mar!

Easterwierrum docht it oars



Bern sykje lieder

EASTERWIERRUM - Yn Easterwierrum rinne de bern mar twa dagen program. Moandei en tiisdeis komt de earste groep en woansdeis en tongersdeis de twadde. Op woansdei kin dus it waar program fan moandei wer út de kast helle wurde. Dochs wie it program hjoed wat oars as moandei. Op moandei dielden se de bern ien foar ien de shirts út en doe moasten se de lieder sykje, dy't in selde shirt hie. Dy lieder stiene op in rychje op moandei, mar no hiene de lieder har ferstoppe op en rûn it fjild. De iene lieder lei yn de boskjes, in oare hie him/har ferstoppe ûnder in dekkleedsje. Sa waard de muoilikheidsgraad dochs wat ferhege. En de bern, dy fûnen it geweldich!

Easterlittens yn beweging

EASTERLITTENS - Dizze útsliepte reporter wie foar njoggenen oanwêzich, deuh. De lieder hiene de jûn dêrfoar eefkes oan it evaluearjen west. It wie wer 'n bysûndere Spulwike jûn west. De Littensers hiene skynber besite hân fan in grut bist, want der stiene grutte foetôfdrukken op it fjild. Neffens Siska soe it in bist wêze kinne lykas Henk the Kinman, want dy hat ek ferskrinklike grutte fuotten. De bern binne yn Littens moai op 'e tiid oanwêzich. Sy sitte wer fol enerzjy en hawwe gewoan fet nocht oan de dei. Doe't ik myn ear te lûster lei, hearde ik guon fan 'e bern sizzen dat har lieder noch al gek wêze soe. Wy litte yn it midden oer hokker lieder de bern it dan hiene; it wie Anno yn alle gefallen net. Ik rekke yn petear mei Bart, dy't bliid wie dat der kommende freed gjin Spulwike is, want dan hie er it drok mei it spultsje G.T.A. Ik frege my ôf wat dat no betsjutte koe, mar dat wie in domme fraach sa't it skynt. Syn antwurd wie: "Dat is in kompjooterspultsje juh! Deuh!"

Yn Littens sjogge hja moarns faak nei "Nederland in Beweging". Dêrtroch kamen se op it geweldige plan om de dei te begjinnen mei in poarsje moarnsgymnastyk. Under de besilende lieding fan "Ty Boeing" Siska waarden de bern yn foarm makke foar de dei dy't komme soe. It wie dêrby al wat hinderlik dat de muzykstallaasje wat kreake..... Of soe him dat oan Siska lein hawwe?

Alwer Omrop Fryslan by Spulwike

De spulwike hat oan media oandacht neat te kleien. Neist it sikkesfolle eigen Mediateam hat ek Omrop Fryslan de smaak te pakken. Wiene se hjearder al mei de televizje win yn Easterwierum en Weidum, hjoed wie Omrop Fryslan radio in Easterlittens foar it programma Runtsje om de tsjerke. Dan is ien en ien twa; dan kin de spulwike fansels net oerslein wurde. De man fan 'e radio interviewde wat bern en fansels Jelle Wieringa. De radioman wie under de indruk fan al wat hy seach. Doe't ik him fertelde dat hy mei foto en al yn de krante kaam, krige hy trennen fan gelok yn syn eagen. "Ik meitsje al jierren reportages mar bin sels noch nea yn 't nijs west." Hy wit inmiddels ek wat spulwike is...



Jelle wurdt ynterviewd

Koart nijs

Ferslachjouwer wurdt fersierd

EASTERLITTENS - Foardat it spul op paad koe, moasten earst de weinen fersierd wurde mei slingers en ballonnen. It die bliken dat it kenlik ek needsaaklik wie om jo ferslachjouwer te fersieren. Yn it deistich libben fynt er dat gjin punt, mar no hie er dêr net op rekkene. Mei Spulwike die bliken dat Littens noch wol in ekstra mantsje brûke koe. Jentsje, de freon fan haadliedster Marjan Feenstra fan Easterwierrum, hie net folle tiid nedich om te besluten dat hy dat ekstra mantsje dan mar wurde moast. Earst moast er lykwols noch al eefkes ynwijd wurde. Sa waard ús Jentsje in rinnend keunstwurk. Hy hat dan ek noch nea sa fleurich sjoen as op dy deis. Trekkersjuffeur Fedde waard lykas jo ferslachjouwer en Jentsje ek fleurich fersierd troch de bern.

Sweedsk rinne yn Winsum

WINSUM - Yn Winsum stie it Sweedske Rinspul op it program. Wêrom't dat Sweedsk wie haw ik lykwols net efterhelje kinnen. Foardat it fan start gie, waard der earst lykwols noch songen. Nei de sjongerij krigen alle groepkes bern in nûmer. Der stiene alle gearre pionnen op it fjild. De Sweedske ridders moasten om de pionnen hinne drave. Under alle pionnen siet in fraach dy't se dan as groepke oplosse moasten. Dat wie fansels in makje, want oan de Spulwike dogge yn 'e regel allinne mar tûke bern mei. Al moat dochs sein wurde dat it net hielendal flekkeleas ferrûn, mar och, alle begjin is muoilik. Wat wol opfoel wie dat de bern ôfgrysliek hurd drave kinne.



Spultsjes op it fjild

Mei in fûl read gesicht gewoan je bêst dwaan

BAARD - Om twa oere kamen alle groepen by elkoar om in broadsje te iten. It wie gelokkich moai waar; it waarwyfke fan Easterwierrum hie ek al sein dat dat sa wêze soe. Yn Baard wiene tal fan spultsjes organisearre, lykas bygelyks kleedsje springe, in puzzelrace, in spûnzerace (mei in folle spûns tusken twa hollen yn besykje safolle mooglik wetter oer te bringen), sekspringerij (yn in ôfgrysliek grutte sek sa rap mooglik it útsetten parkoer ôflizze), get the picture (riede hokker bekendheid op 'e foto stiet; maklik punten skoare dus), touspringerij (mei in fûl read gesicht gewoan je bêst dwaan; yn it oars sa rêstige doarpke wie it in drokte fan belang) en toulûken.

Der wurdt stellen yn Hûns

HUNS - Ek dit pittoreske doarpke dat op mannich lânkaart ûntbrekt, waard hjoed eefkes oandien. Yn Hûns kin der fansels mar op ien plak spultsje dien wurde en dat is op it prachtige keatsfjild. Der wiene twa spullen organisearre. As earste it rôversspul. By dit spul moasten jo seis saken fan elkoar sjen te stellen; dat jo de eigen saken dêrby goed ferdigjenje moasten, sprekt foar himsels. It folgjende spul dat yn Hûns op it program stie, hjetje Triangelbal; in fariant op it bekende trefbal. Oan de reaksjes fan de bern te fernimmen, foelen beide spultsjes aardich goed yn 'e smaak. Om 15.00 hinne gie de hiele groep bern wer werom. En nei wat sjongerij en ranja drinke is sa'n dei dan ynienen ek wer samar foarby.

Janneke kin net sliepe

EASTERLITTENS - Op tiisdeitejûn krige Janneke, lieder yn Littens, om 20:30 oere in tillefoantsje fan in famke dat meidocht oan 'e Spulwike. Se moast wat bekenne: se hie de middeis falsk spile mei in spultsje en koe derom net sliepe. Se moast it gewoan eefkes fertelle. Janneke hat har gerêst steld en sa koe se dochs mei in skjinn gewisse op bêd krûpe.



Syb van Dijk

Partijenhandel Friesland **bv**

Doordachte produkties

Kleasterdyk 40
8831XC Winsum

tel. +31 (0)517 342569
fax +31 (0)517 341499

S. Hempenius & zn



De Muldijk 6
9001XV GROU

Tel: 0566-624736
Fax: 0566-624736

TROEFMARKT

Het hart van de buurt!

Troefmarkt A & P de Jong

Sanpaed 8 - 9024 EC WEIDUM
Tel: 058 - 2519616

**THUIS IN
TECHNIEK**

- Leidingssystemen
- Slangen & koppelingen
- Bepaling
- Pompen
- Elektro


- Sanifair
- Verwarming
- Bouwproducten
- Agro & tuin
- Persoonlijke bescherming

Bel voor gratis
catalogus!!

Wildkamp

www.wildkamp.nl

Woldkamppark Liden (Dk.), tel. 0517-342569
St. Michaelsborst 2, Winsum (Fr.), Tel.nr. 0517-342330



**bootsma
bouwbedrijf b.v.**

Doarpsstrjitte 8
9021 CL Easterwierrum

Tel. (058) 250 13 25
Fax. (058) 250 14 15

PLUS

Plus Ernst

De Dobbe 1

9022 BE MANTGUM

Tel: 058 - 2501493

Fax: 058 - 2501177

Web: www.plussupermarkt.nl




Royal Keukens

Kom, kijk en vergelijk.
Meer keukens voor minder euro's

Royal Keukens in Wieuwerd

BOCREANA
caravans



Rijksweg 3 - 8644 VP Dearsom - 0515 52 12 44
www.bocreana.nl - info@bocreana.nl

ad autobedrijf Sypersma Oosterwierum

Dilledyk 1 - 9021CV Oosterwierum
Tel.: 058-2501215
E-mail: info@autobedrijf-sypersma.nl



**LEANBEDRIUW
EN
KRAANFERHIER**

OKKEMA

www.okkema.nl

E-mail: okkemaleanbedriuw@hetnet.nl

EASTEREIN 0515 - 331366



[Smids DesignStudio]

reclame & internet

Noord 28 - 8801KP Franeker
T 0517 382963 F 382968
E info@smidsdesignstudio.nl

www.smids.nl

MVM ZONWERINGEN

Hogeterp 3, 8831 XT winsum
Telefoon 0517 - 34 14 17 • Fax 0517 34 21 00

**LEVERING EN PLAATSING DOOR
HEEL NEDERLAND VAN
BINNEN- EN BUITENZONWERING**

*Wij garanderen de laagste prijs met een zeer hoge
kwaliteit. Indien u elders goedkoper kunt, leveren wij het
u voor de dezelfde prijs* (*Mits dezelfde kwaliteit.)
Voor vrijblijvende informatie kunt u ons altijd bellen.*

Jf

Frankena b.v.

Loonbedrijf en Grondverzet

- * COMPOSTAARDE
- * ZWARTE GROND
- * DIV SOORTEN ZAND
- * GRIND
- * SCHELLEN
- * COMPLEET GRONDWERK
- * WALBESCHOEIINGEN (LEVEREN EN AANBRENGEN)

VRAAG VRIJBLIJVEND INLICHTINGEN

www.frankenawinsum.nl

T 0517-341681
F 0517-341666
Winsum (Frl.)



Keet Winsum



www.keetsite.nl

Spulwike-sjoernalist soarget foar ferwarring yn Littens: foksejacht lykwols in súkses

EASTERLITTENS Jo ferslachjouwer waard fan 'e middei yn Littens stelselmjittich troch de Spulwike-bern foar in oarsjoen. "Bisto Johnny Flodder?", frege der ien. En dêrnei woe itselde jonkje in hântekening fan my hawwe. Ik haw 'm mar ôfpoeiere, want ik koe der neat mei fansels. Mar wat der no oan 'e hân wie yn Littens? Doe't ik in kuijerke troch it doarp makke, kaam ik ek noch allegearre nuveraardige types tsjin. Sa miende ik op in hoeke in frou te sjen dy't yn guon rûnten wol "een dame van lichte zeden" neamd wurdt. Letter die bliken dat it lieder Henk E. út M. wie, de jonge dy't it iene jier mei in grut burd omrint en it oare jier mei Spulwike in pleister op syn kin plakt om't er in tintstok foar wat oars oansjocht. It waard my der al mei al net dúdliker op. Letter seach ik efter in konifear in noch al grut útfallen smurf stean; it die bliken dat ik mei Grutte Smurf te krijen hie. Al gau stie der in groepke bern om de smurf hinne. Ien fan har sei: "Hé, do hearst by Smurfin!". Dêrop waard befêstigjend antwurde troch de grutte Grutte Smurf. It groepke bern yn kwestje frege it grut útfallen blau stripfiguer om in hântekening en krige dy ek. Doe't ik mar wer fierder rûn, kaam ik in kollega-SMT-lid tsjin; dy lei my út wat it gefal wie: Spulwike Easterlittens wie dwaande mei de foksejacht. Myn kollega rûn mei in groepke bern mei en wie al mear bekendheden tsjin kommen: Madonna, Jim & Jamai, John Travolta, Prinses Maxima en de lytse poppe, Frans Bauer, ensfh. De bern fan Littens seagen my foar ik foks oan en woene pas liuwe dat ik dat net wie, doe't ik my omdraaide en de Spulwike-print mei it ûnderskrift "mediateam" op de efterkant fan myn shirt sjen liet. Normaliter ha'k altyd in parsekaart oan in keycord om 'e nekke hingjen, sadat der gjin misferstân oer bestean kin wa't ik bin. Fan 'e moarn hie'k dy kaart lykwols troch fersin yn 'e

reportaazjewein lizze litten. Sa sjogge jo mar wêr't soks ta liede kin..... De bern yn Littens wiene lykwols bloedfanatyk mei de foksejacht dwaande; ien famke fertroude my ta dat sy in soad bonuspunten yn 'e wacht sleept hie by ús pake. Wer wie'k der fan ôf: ik hie ús pake net sjoen yn Littens. Mar it famke bedoelde fansels "Opa Flodder"; ik wie der wer. Om de boel fierder mar net yn 'e war te stjoeren, haw ik Littens mar ferlitten en de ferslachjouwing fierder oan myn kollega-sjoernalist oerlitten.



In foks út Littens

Jongste bern fleane yn Wiuwert dwers troch elkoar hinne

WIUWERT It wie sawat healwei twaen doe't de spultsjes dy't de Easterwierrumer lieding foar de jongste bern yn Wiuwert opset hie, begûnen. De bern binne yn trekker en wein ferfierd nei Wiuwert; dat is al in hiel aventoer op himsels. Der wie foar keazen om seis spullen te organisearjen en dy plakfne te litten yn trije plakken yn it doarp: twa op it sportfjild, twa op 'e terp midden in Wiuwert, en twa krekt bûten Wiuwert op in parkearplak. By it parkearplak hiene se it spul mei de spylkaarten. Dat wie in soarte fan tikkerke boartsjen mei behelp fan in spul kaarten. De bern fleagen yn in ôfsetten fak dwers troch elkoar hinne. It oare spul op dizze lokaasje wie it libjend tafelfuotbalspul. De bern sieten fêst oan in lint en dêrtroch wiene se bûn oan in beheind tal meters. Sa moasten se besykje in goal te meitsjen by ien fan de twa tsjinstanners (der wiene trije teams).

Op 'e terp wie it aldermoaiste spultsje: dat wie it derrybrûs-puddingboerd-memory-spul. In spesjalistysk spul dêr't de lieders yn dit gefal net hielendal skjûn foar wei kamen. De lieders moasten mei har holle troch in gat fan in foar dat doel opsteld boerd. Der waarden fragen steld en as de bern it antwurd goed hiene mochten se besykje de lieders goaiende wei te reitsjen mei in bekerke fol smoarge "derry". Dat fûnen de bern fansels hartstikke fet cool om te dwaan. De oare aktiviteit op 'e terp wie lekker kladderje



Lekker op de lieder smite

Fanklups Anno Hilverda en Volkert van der Veen fusearre

EASTERLITTENS - Justerjûn is besletten dat de fanklups fan wûnderorgelpianist Volkert van der Veen en Anno Hilverda fusearre sille. "No't Anno ophâldt mei Spulwike en Volkert ek mei in muzikaal pensjoen gien is, krije wy hyltyd minder te dwaan", seit de nije foarsitter. Dochs sil de fanklup trochgean mei it yn 'e merk setten fan it produkt Anno. "Der binne plannen om it mooglik te meitsjen Anno yn te setten as entertainer op Spulwike-feestjes, mar dêroer binne wy noch yn ûnderhanneling mei de seksje. "It gefaar bestiet dan dat hy it wer sa aardich fynt, dat er wer op 'e nij begjint", neffens Jansien, dy't de eangst fan sa'n fjirtich lieders yn Easterlittens treflik ferwurdet.

Bonuspunten

WEIDUM - As de bern sa om healwei fiven hinne wer yn Weidum werom komme, is der eekes rêst. Fysyk binne de bern útteld; it is tiid foar mentale arbeid. Om healwei seizen hoege de bern pas nei de pleats ta, dus is der romte foar it hast tradisjonele Ja en Nee-spul ûnder lieding fan mikrofoanman Nico. De measte lieders moatte spultsjes tsjin elkoar dwaan. De bern moatte dan riede wa't wint. Dyjinge dy't it fout hat, is ôf en de oaren geane troch nei in folgjende fraach. De winner fertsjinnet bonuspunten foar syn of har groep. Yn Weidum krije hja nammentlik foar alle spullen punten en giet it der om de measte punten te heljen fansels..

Doarpespul Weidumer Spulwike: bern bewege har neffens strak tiidskema fan doarp nei doarp en spul nei spul

WEIDUM - It doarpespul hat al in tal jierren net mear diel útmakke fan it program fan Weidum, mar de lêste tiid stiet it der altyd wer op. Inkelde jierren hat it fan in program west, mar de lêste jierren stiet it doarpespul altyd op it program fan de Spulwike yn Weidum. "De bern fine it machtich om mei trekker en wein de hort op te gean en wêrom soene wy har dy wille ûnthâlde", seit Albert Dirk Talsma fan de Weidumer haadlieding. Dat it spul guon jierren fan it program skrast west hat, leit him oan de diskusje dy't doe spile oangeande de feiligens fan ferfier fan bern mei trekker en wein. Jongere bern bliuwe mei mear dissipline op de weinen sitten as de bern út groep 7 en 8, dy't graach wat gekjeie meie. Dat hat yn it ferline wol ta eangstige sitewaasjes laat. Dêr is no lykwols better oer neitocht: yn Weidum wurde inkeld noch hege weinen

ynsetten, sada it risiko dat der wat bart lytsert wurdt.

Alle jierren wurde der by it doarpespul oare plakken oandien yn de gemeente. Fan it jier is der keazen foar Wiuwert, Baard, Winsum, Wommels, Easterein, Mantgum en Boazum. Yn al dy plakken binne der lokaasjes keazen dêr't de bern de spultsjes dwaan sille of op in oare wize yn aksje komme moatte. Neffens in strak tiidskema bewege alle groepen har fan doarp nei doarp en fan spul nei spul.

As jo it entûsjasme fan de bern en de lieders sjogge, kinne jo inkeld konkludearre dat sa'n spul troch de gemeente net allinne aardich is foar de byldfoarming om de Spulwike hinne; gewoanwei ien fan hichtepunten fan de wike. "As it oan my leit, hoecht it nea oars", seit Andrys dy't de kommisje sit dy't it spul tarieden hat. En wy kinne dat fansels allinne mar befêstigje.

It Weidumer doarpespul: in SMS-ferslach

Wy folgje it Doarpespul troch de sms'kes, dy't wy krije fan de Sjonnie, de groep fan Tialde, Sjoerd en Andries. Sjoch hjirûnder foar it ferslach:

Baard 10.23

Rôverspul krekt wûn fan Take 14. Wol in protest oan de broek, mar dat winne wy ek wol juh. Moat aanst nei Winsum om te fimjen. Gr., De Sjonnie!

Winsum 11:30

Binne oan it filmjen. Hartstikke leuk. Wy moatte sênes spylje dy't se yn it foar betocht hawwe foar ús. De sineast docht al wat gek. Mar dat is wol grappich. Later! Gr., De Sjonnie!

Wommels 12.57

Kalkje no op it stuit ús fuortôfdrukken yn Wommels op 'e stoepe. No sille se ús nea mear ferjitte. Later!, Gr., Sjonnie!

Easterein 13.47

Wy nimme strafskoppen op it stuit. Bern tsjin lieding, famkes tsjin jonges. De famkes hawwe wûn! Later!, Gr. Anita's!

Boazum 14.33

Wy dogge no in estafette. In soad komkommerrace mei allegearre gekke kaprioalen en sa. Harstikke leuk! Later! Gr., Sjonnie!

Wiuwert 15.24

Wy mochten spûnzen mei ferve op ús lieders goaie. Geweldig! Tialde en Sjoerd sitte der hielendal ûnder. Spitigernôch wie it net sa lang. XXX, Sjonnie!

Mantgum 16.02

Yn Mantgum moasten wy de trekker en wein fersiere! Alles leuk en aardich, mar wêrom no noch dy wein fersiere foar it lêste trajekt Mantgum-Weidum? Fierder wie it te gek. Suc6 mei jim krante. CU later! Sjonnie!


Deade fisk blykt gjin foks te wêzen

EASTERLITTENS - Ik hie it gelok dat ik de tariedings foar de foksejacht meimeitsje mocht. It is net samar eefkes organisearre. Der is in soart klean, smink en humor nedich om it ta in súkses te meitsjen. Wat wol hiel apart is, is dat der by in foksejacht nimmen ferklaaid is as in foks. De foksen wiene goed oer it doarp ferspraat; sa siet der sels in smurf yn in beam. Myn grutte freon Bart Zijlstra (9) wie ek fan 'e partij. Hy sei de foksejacht hast like leuk te finen as it G.T.A.-kompjoeterspul. Hjoed sil ik as ferslachjouwer foar in grut part de foksejacht meirinne mei syn groepke. Bart kin net wachtsje om los te gean: "Us groepke moast hast oan it ein ta wachtsje oant it fuort koe. Al rap fûnen wy de earste foks. It wie knap lestich om út te finen wa't de foks no krekt wêze moast. Doe't it wat lang duorre eart wy troch hiene wa't de foks no wie, besleat ik om mar eefkes nei in deade fisk te sjen dy't yn it wetter lei. Mar it die bliken dat dy fisk gjin foks wie." Jo kinne it goed oan Bart sjen as er neitinkt. Dan sjocht er de foks djip yn 'e eagen en ynienen floept it der út. Ik moat sizze dat myn maat it wol aardich faak by it rjochte ein hie. It is noch in hiele toer om dit selskip by te hâlden. De ferslachjouwer kriget suver wat swiere fuorten. Dat hat fansels neat te krijen mei de mienskiplike jûn fan in dei earder. It liket dat Bart wat beslútles wurden is, mar ynienen stiet de "geboren leider" wer op. Hy rûn nei in hûs dêr't twa foksen yn 'e tún sieten. Mei dy twa foksen hiene se grutte muoite om út te finen wa't se wiene. Bart telt de foksen dy't fûnbinne. "Dat binne der 24!", seit er. Noch tolve te gean. It groepke wit eefkes net mear wêr't se 't

sykje moat; wêr binne dy oare tolve foksen dan? De bern sjogge my ek oan foar in foks. Sa'n hûndertsantich kear is der frege oft ik der faaks ien wie. Guon wiene der net fan ôf te bringen dat ik Elvis wie. Doe't ik der eefkes net by wie, rekke ik Bart én syn groepke kwy. Ik haw sa'n fermoeden dat de bern dat net sa slim fûnen. Se hiene sa no en dan ek al eefkes merke litten dat se it net echt geweldig fûnen dat ik har efterfolge. Nei in skoftsje fûn ik it stel wer. Der folge in grutte sucht. Fêst net fan ferromming, skat ik sa yn. Doe wie de foksejacht ôfrûn; net alle foksen wiene fûn. Dat hie ek hast ûnmooglik west. "Wat fûnst der fan?", frege ik oan 'e bern: "Leuk!", songen se yn koar. "En wat fûnst de leukste foks?", wie de ferfolchfraach. "James Bond; syn films binne cool", wie it koarte, mar dúdlike antwurd. It ynterview kaam abrupt ta in ein, want Bart waard wer eefkes ôflaat troch wat er om him hinne seach. Wol frege er my noch oft it fraachpetearke echt yn 'e krante komme soe. Yntusken hat er dat lêze kinnen.



De bern fine wer in foks



Troch: Anne Margot Staperd
Jorwert

Wedstriid Win in Ferrari!

Lucas Blumers (9) út Wommels hat de wedstriid Win Ferrari wûn. Hy stjoerde in figuerseage houten puzzel yn fan tweintich stikken, mei dêrop it Spulwike-logo. Alhoewol't wy de puzzel net op ús thússide uploade koene, fûnen wy it dochs de meast orizjinele ynstjoering. Wy wolle alle bern bedanke foar de prachtige tekenings en puzzels dy't se fia de post of de mail nei ús tastjoerd hawwe; wy sille aanst alle ynstjoerings op 'e thússide sette.

Hjirûnder in foto fan de winnende puzzel fan Lucas. Lucas, it SMT sil de radiografysk bestjoerbere Ferrari ynkoarten by dy del bringe. Fan herte felisitearre!



T	R	h	B	S	L	B	A	B	S
R	L	b	T	W	I	B	M	O	P
E	Z	E	L	A	T	J	S	A	U
K	Y	A	e	R	T	E	T	R	L
K	E	S	M	T	E	R	E	S	W
E	v	B	E	E	N	E	R	T	I
R	H	J	I	P	S	X	D	E	K
M	N	T	P	Y	R	I	A	N	E
F	H	O	R	T	A	R	M	n	F
K	A	L	W	e	D	T	j	J	H
P	Y	C	C	U	I	A	H	n	B
I	W	B	X	E	E	E	J	I	s
o	n	X	Z	h	L	B	U	C	H

Puzzel

1. In soort auto wurd brûkt yn de lânbou?
2. Is dom is in sprekward foar en is in bist?
3. Wer kin je in ferarri winne?
4. Welke gemeente spilet de spulwike ôf?
5. Wa goait de pakjes troch de skoarstien?
6. Hoe jit hyt de president fan Amerika?
7. Hoe jit de keninginne fan holland?
8. Wêr pisje je mei as je jonge binne?
9. Wat is de haatstêd fan hollân?
10. Wat hat in famke grutter as in jonkje mei de leeftiid fan 12 a 13 tot de dea?

Ynstjoerd troch: Bernlef de Boer & Ale Kundersma
Jorwert

Swimme yn Wommels

WOMMELS - De Spulwike-ploech fan Easterlittens organisearre nei de foksejacht in lange tocht op trekker en wein nei Wommels, mei as eindoel it swimbad. Der wie noch wat diskusje oer it al as net trochgean litten fan it swimmen yn ferbân mei it waar. Neffens in wurdfierder makke it neat út oft it no reinde of net, want de bern wiene ommers dochs al wiet. En dêr is fansels neat tsjin yn te bringen. Doe't ik yn Wommels oankaam wie it noch net sa drok: ik telde ien swimmer. Dat soe eefkes letter wol oars wurde! De hiele ploech kaam binnen fleanen; gau in plakje sykje op it fjild neist it swimbad. Earst ite en ranja drinke, dêrnei koe it oangean. Lieder Jelle Anema moast lykwols earst eefkes ûnder de brûs, want dy wie noch blau; fan 'e smink dy't er as smurf opsmard krigen hie fansels. Spitter, spatter, spetter, lekker yn it wetter. Jim kinne jim wol yntinke hoe't soks giet mei in lytse twahûndert bern yn in swimbad. De measten lieder binne dy middeis ek net droech trochkommen. Nei lang twifeljen lutsen se úteinlik de swimklean oan. Der kamen letter ek noch wat minsken dy't tochten eefkes rêstich wat baantsjes swimme te kinnen. Dat foel dus eefkes ôf. Mar it moaste wie noch wol dat it de hiele middei droech west hat.



De trekkers steane al klear

Anno's lêste dei

EASTERLITTENS - It sil eefkes wennen wurde, mar nei fan 'e jûn sil de kreet "Anno is gek" net langer klinke yn Easterlittens. Nei sa'n fyftjin jier Spulwike hâldt Anno dermei op. "It is myn tiid", hie er al foar de wike oankundige. No't it lykwols safier is, baalt er dochs wol fan syn beslút. Doch sil er der net mear op werom komme. "In man, in man, in wurd, in wurd", wit de gek.

Snuffelstaazje yn Easterlittens liedt ta ûnfrisse taferielen

EASTERLITTENS - De twa fêste mikrofoanmannen fan Easterlittens, Jelle Wierenga en Lieuwe Hoekstra, binne dwaande mei har lêste jier. Om it grutte gat dat se efterlitte sille wat lytser te meitsjen, hawwe se har opfolgers, Astrid en Jos, mei op "snuffelstaazje" Neist har funksje as lieder, binne Astrid en Jos dus ek drok dwaande mei it snuffeljen; sterker noch, sadree't se in momint frij hawwe, snuffelje se fuortendaliks en konstant oan Jelle en Lieuwe. Dat snuffeljen liedt by beide kampen ta yrritaasjes. By Jelle en Lieuwe fansels omdat se der gek fan wurde dat der konstant twa minsken oan har sitte te snuffeljen. Mar Jos en Astrid hawwe it ek net altyd maklik; de beide mannen dy't sy yn it ramt fan har staazje besnuffelje moatte, rûke nammentlik nei sa'n dei roppen en razen net al te fris mear. Jos en Astrid hawwe somtiden sels de kniper op 'e noas; Henk kin dit befêstigje.



Weidum op tongersdei en freed

Nei Flapper ta
WEIDUM, FLAPPER - Om 17.30 fertelt mikrofoanman Nico dat elkenien yn kolonne rinnende nei de pleats fan Flapper moat. Dat bestjút dat in hiel lint bern him oer in lingte fan sa'n oardel kilometer fan de pleats fan Flapper nei it Weidumer doarpshûs bewege sil. It is alle jierren wer in moai gesicht om te sjen hoe't soks giet: in grutte mannichte besteande út bern, lieding, haadlieding en kampkommisje.

Waarm ite
FRJENTSJER - De Sinees moat wol eefkes skrokken wêze doe't haadlieder Jan Tiede Bouma him belle om in bestelling fan twahûndert poarsjes bamy, nassy en saté te dwaan. Sûnt ferline jier ite se yn Weidum nammentlik Sinees op tongersdeitejûn. Earst wiene it altyd pankoeken, letter waard it stampot; de pankoeken foldienen net mear. Yn 2003 woene se ris wat oars en waard der keazen foar de Sinees. Dat it goed foldien, doch wol bliken; oars hie Jan Tiede de Sinees net noch ris in kear belle. It smakket dus!



Bern wachtsje op sjinees

Sliepgoed te plak en opmeitsje foar de jûn
WEIDUM, FLAPPER - Nei it iten moatte de jonges en famkes út elkoar. De jonges moatte harren sliepgoed yn it bûthús del lizze, wylst de famkes in plak yn de skuorre tawiisd krije. As elkenien ynstalleare is, kinne se har mar klearmeitsje foar de jûns. En fansels kostet dat by de famkes mear tiid as by de jonges...

Jûnsprogram
WEIDUM, DOARPSHUS - De bûnte jûn is ek ien fan dy fêste items op it program. Altyd yn it doarpshûs, altyd mei muzyk, teater en dûns, altyd feest, mar noait itselde. Alle jierren soarget in kommisje derfoar dat de jûn wer as unyk yn de boeken kin. Sa ek fan it jier. It tema "showbiz" lient him fansels tige goed foar sa'n jûn. Der kamen hiel wat bekende Nederlanners en Friezen del yn Weidumer doarpshûs. Of einlik, en dat moatte jim net fierder fertelle, wiene it (haad)lieder ferklaaid

In soad paraplu's yn 'e optocht

EASTERLITTENS - Op it fjild wiene de bern drok dwaande mei it meitsjen fan ynstruminten foar de optocht, want it moast fansels al in parade mei in soad leven yn 'e brouwerij wurde. Tusken troch waard der noch in knock-out show hâlden. Liedster Anja moast it yn in wedstriid ranjadrinten opnimme tsjin lieder Nico. (R)anje hat wûn. It is hjoed de lêste dei en dat betsjut fansels opropme: it fjild moat earst skjin foar dat der pankoeken iten wurden kinne. Ek yn Littens binne der fan it jier wer tal fan pankoekmemmen ree fûn om foar al dy hongerige bûkjes foldwaande pankoeken te bakken. It is en bliuwt Spulwike fansels, dat sadwaande dat it reinde.



realistyske Paul de Leeuw en de gelienis as pommerant of prominint. Anke Hoekstra hie har as Ushi (in kreaasje fan Wendy van Dijk, SBS 6) útdost en stelde yn dy rol de ferskate bekende gasten fragen. De bern moasten riede wa't it wiene. Andries Wiersma fertolke in hietusken Piter Wilkens en Albert Dirk Talsma wie grut te neamen. Fierder koene de bern fansels dûnsje, hosse, springe en drinke. Mar net gewoan ranja út in bekerke, mar út in fleske, dêr't ea bier ynsitten hat. As folweardige bierkonsuminten sloegen se de ranja efteroer. Fansels waard der ek eefkes yntym dûnse, al is "yntym" miskyn wat te folle sein foar "close" dûnsje mei in heale meter der tusken. Doe't Nico oanjoech dat it de heechste tiid west hie om wer nei de pleats te gean, wiene de measten it ek wol mei him iens. It wie in lange dei, nei in swiere wike. It Holle-Bolle-Tsjing klonk earder gapjend as razend, lykas altyd. Tiid om nei Flapper ôf te setten.

Knak ite en sjonge
WEIDUM, FLAPPER - Ien kear by Flapper oankaam, krije de bern in broadsje knakwoarst en soene se noch eefkes by it kampfjoer sjonge en prate kinne. It waar wurket lykwols net mei. Dêrom ite de bern har knakwoarstje mar binnen op. Gau folget dan ek al it sinjaal om sliepen te gean. De bern binne bek- en bekôf.
Op bêd en sliepe
WEIDUM, FLAPPER - De bern boarstelje har toskten gau en dogge de sliepkean oan; dan

meie se har deljaan. Mar as se krekt lizze, krije de jonges besite fan de famkes. De nachttuterij is begûn en dat is in moai gesicht. De measte jonges ferstopje har ûnder de kessens en lekkens; sy wolle gjin tût en seker net fan in famke. Tsjien minuten letter herhellet it ritueel him, mar dan oarsom; de jonges op besite by de famkes. Dat jout earst in alderraarst geraas, mar dat ferstommet as bliken docht dat de measte jonges net tuten wurde wolle. Om goed tolve oere lizze alle bern op bêd en dan giet it ljocht út. Dêrnei is it stil en wurde alle gelûden genadeleas delbêde troch lieder Andrys en syn maten. Al gau leit elkenien yn in djippe sliep.



Ushi stelt fragen oan de lieder fan Weidum



Jûns dûnsje yn it doarpshûs yn Weidum

Dat mocht de wille lykwols net drukke, want de pankoeken giene der yn as koeke. Doe gau wer werom nei it sportfjild en klear meitsje foar de optocht. Anno waard wer sa as gebrûklik blau ferve en ek de oare liederen waarden wiidweidich beklade. De optocht wie wer in grut súkses! It hie ek wol wat: al dy paraplu's yn 'e optocht! Nei de optocht wie it hast wer tiid foar it ôfskie fan Spulwike 2004. Mar earst wie der noch in priisútrikking! It groepke fan lieder Kees wie as lêste einige yn it punteklassemint fan de spultsjes. Wiebren Peenstra syn ploech hat it wûn en krige de flesse sjampanje. De foto's wurde útdield en doe wie de Spulwike al wer foarby.

Hûnewaar mei de Spulwike?

De sfear yn de doarpen hat der net ûnder te lijen

WEIDUM / EASTERLITTENS / EASTERWIERRUM - In dei as tsien lyn, koe ik it net mear hâlde: ik moast eefkes sjen hokfoar waar it wurde soe mei de Spulwike. Foarhinne hoegden jo dat je net ôf te freegjen. It wie yn myn belibbing altyd moai waar. De lêste jierren is it lykwols mis. Wêr leit him dat oan? Neffens Johannes Monsma, dy't beropsmjittich in soad mei it waar fan dwaan hat, is it gewoan in saak fan tafal. "Jo hawwe it no ien kear net yn hannen as it om giet. Mocht dat sa wêze, dan wie ik al lang binnen.", seit de boer yn de streamende rein. Erwin Krol fan Meteo-ynstitút KNMI sjocht lykwols in tendins. "Je ziet meer en meer dat zomers beginnen met een kortstondige periode van hevige regenval. Ik begrijp goed dat zoiets niet leuk is voor mensen die net als jullie een spelweek organiseren, maar voor ons is iets dergelijks een interessant verschijnsel." Foar de Spulwike is reinwetter yndie in minder ferskynsel. "As it reint kinne jo fansels net alles trochgean litte. Wiken tarieding hawwe dan foar neat west. Skande!", fynt Jansien Kamstra, foarsitter fan de seksje. No, de sneins foar Spulwike, liket it foar de tredde kear op in rij min waar te wurden. Doch merke jo dat de sfear yn de doarpen der net ûnder te lijen hat. "Guon lieder hawwe noch nea in Spulwike meimakke mei moai waar en de oaren hawwe sa stadichoan routine mei ymprovisaasje", fertelt Albert Dirk Talsma, skiedend foarsitter fan de Weidumer haadlieding. In dei as tsien lyn woe ik dus it waar witte mei de Spulwike. De berjochten learden ús dat it hûnewaar wurde soe. Mar better ek!

Bern wurde wekker op pleats

WEIDUM - De bern binne fan 'e wike noch al op de proef steld. Alle dagen wie der wol wat rein en wyn en boppedat stiene der drege spullen op it program. As jo dan al sa wurch binne, is it fansels goed om in soad te sliepen. Jim kinne wol riede dat soks op sa'n pleats mei tsientallen oare bern net mooglik is.

De hiele nacht bliuwe guon wekker, al krije se amper de kâns om lûd te meitsjen. De lieding is strang en blaft nei elke kuchje dat it no dochs fuortendaliks stil wêze moat. De lieding is fansels ek dea-op en wol sliepe. Dy lit har de nachtrêst ek net fersteure.

Cor besiket twa kear kontakt te krijen mei syn maat Jurre. Beide kearen mislearret it. "Se binne wol hiel strang hjir", seit Cor de moarns, "ik woe gewoan graach eefkes kete."

De measte bern hawwe lykwols ridlik sliept en wurde de moarns wekker yn, de nei hynders rûkende, twa stâlen fan de famylje Flapper. Noch wat slieperich sjogge se út de eagen, mar dat sil gau ferdwine. It moarnsiten wurdt nei binnen ta skrokt en dêrnei rint de meute wer nei it Weidumer Doarpshûs. Dêr is it slotspul en de film. Juster hawwe alle groepen in sêne foar in film makke. Dy sjogge se no mei syn allen. Dan is der fansels wer it ôfskied. De bern nimme ôfskied fan de lieding en oarsom. En dan is de Spulwike foarby. De bern gean nei hûs mei in fotoliste en in protte machtige ûnderfinings. Foar de lieding is it tiid om op te romjen. En dan fanejûn in feestje mei de lieding fan de oare doarpen. En dan mar wer wurkje oan de Spulwik-edysje 2005!

Weidum wurdt wekker: opstean en ite

WEIDUM, FLAPPER - It Sineeske iten fan justerjûn is alwer fertard. De bern hawwe goed sliept, sûnder al te folle leven hat elkenien in goede nachtrêst hân. It sliepguod wurdt gau opropme en dêrnei nimme de bern noch in stikje bôle. It is hast dien, fan 'e wike. Mar der stiet noch in spul foar de bern op it program.



Einspul en film

WEIDUM, FJILD - De Spulwike wurdt besluten mei in einspul en in film dy't makke is troch de bern sels. Dêrnei nimme de bern ôfskied fan har lieder en ek fan de haadlieding. It wie wer geweldich!

SMT wurket nacht troch

WEIDUM - It Spulwike Mediateam (SMT) hat de hiele nacht troch wurke om de krante ôf te krijen. Oan de ein komt der dan dochs noch wat stress by sjen. Jo hawwe fansels in tiid ôfpraat mei de drukker en dêr sille jo jo oan hâlde moatte, as jo wolle dat de krante op 'e tiid klear is, sadat er de sneons noch troch frijwilligers besoarge wurde kin. Wat faak bart, bart no ek. Ynienen docht bliken dat it SMT dochs net sa lekker op skema leit as de leden fan it team tocht hiene. Dan docht in printer it net, wurket in kompjouter hiel stadich en falle jo sawat yn sliep efter it skerm. Op ûndersteande foto sjogge jo it ymprovisearre redaksjelokaal fan it SMT. By de pleats fan Monsma hat de Weidumer lieding har kampement opslein. De SMT'ers ek. Omdat de Weidumer lieding lykwols de hiele jûn mei de bern disko en bûnte jûn hat yn it doarpshûs en dêrnei by Flapper sliepe sil, kin it SMT gebrûk meitsje fan it hokje dêr't hja oars altyd gesellich sitte. De krante is lokkich dochs noch op 'e tiid ôfkommen.



Trienke Poelstra hat noch hyltyd lêst fan "min waar stress"

WEIDUM - Trienke Poelstra (28) út Wurdum stiet mei in punthoed op en in grutte bril op 'e holle op 'e hoeke fan it doarpshûs yn Weidum. It is moandeitemiddeie en yn Weidum is it History X-spul oan 'e gong. Trienke is heks, want it History X-spul is eins in soarte fan ferkapte foksejacht. As ik by Trienke kom, binne de measte groepkes bern al by har del west. Wy hawwe it dus wol eefkes oan tiid om it oer de Spulwike te hawwen. Trienke hat jierrenlang yn 'e haadlieding fan Weidum sitten. Ferline jier die se foar it lêst mei.

Yn is deistich libben is Trienke beukerliedster yn Snits. Yn 1995, it tema wie doe "Spulwike Space" die Trienke foar it earst mei. Yn Easterwierrum. It jier dêrop is se oerstapt nei Weidum. Se fûn it nijsgjirriger om dêr mei te dwaan omdat se de bern yn Weidum (groepen 7 en 8) selsstanniger fynt. As beukerliedster hat se alle dagen te krijen mei bern fan 'e leeftiid fan 'e Easterwierrumer Spulwike-bern; mei Spulwike woe se dat net. Boppedat fûn se dat it ek wol sjarme hie, dy betiid puberjende groep achters fan Weidum.

Yn retrospektyf fûn se de wiken mei sinnich waar de moaiste Spulwiken; de lêste jierren hie se dochs wat lêst fan "min waar stress". No't se net mear meidocht is dat lykwols net oer. Ek hjoed siet se wer benaud nei de loft te sjen.

Twa saken steane har noch it bêste by: in frijwat ysliek farfal en in hilaryske sitewaasje: "In jier as sâ'n lyn waard yn it

ramt fan de survival yn Weidum in kabelbaan oer de Swette boud. Doetiidsk lieder Melle Tilma doarde it wol oan en besykje de kabelbaan foar it earst ris út. Melle tocht: "Ik moat my al eefkes goed beet hâlde en pakte mei syn iene hân stevich de kabel fêst, dêr't in tsjiltsje oer hinne rôlje moast. Dat tsjiltsje wie befêstige oan it stuoltsje dêr't er op siet. Om in lang ferhaal koart te meitsjen: it tsjiltsje rôlje by Melle oer de fingers en dat die fansels knap sear, want it wie yn feite syn eigen gewicht



dat er oer syn fingers hinne krige. Melle nei de dokter en de hân yn it ferbân fansels. Gelokkich hat er syn fingers úteinlik hâlde kinnen", neffens Trienke. Yn de Spulwike fan '98 stie Trienke ynienen mei doetiidske haadlieders Patrick en Dries op it podium in nûmer fan André Hazes te sjongen, no ja, te sjongen: "It wie in playbackshow op it sportfjild. It sil 'De Vlieger' wol west hawwe", seit Trienke. Yn al dy jierren dat Trienke oan 'e Spulwike meidien hat, hat se benammen yn 'e haadlieding sitten; yn '97 kaam se yn 'e Weidumer haadlieding. Dêrom hat se ek net sa gek folle ûnderfinings mei groepkes bern dy't har noch bysteane. "Dat fyn ik al moai oan myn rol as foks fan hjoed; ik sjoch hoe goed de lieding mei de bern omgiet. Yn 'e haadlieding hie'k dêr folle minder each foar; ik moast foto's meitsje, jo moasten foar foldwaande ranja soargje, jo wiene mei in min waar program dwaande, en gean sa mar troch", seit Trienke. It bysûndere oan de Spulwike fynt Trienke de sfear. "It is prachtich om te ûnderfinen hoe maklik as jo yn sa'n groep fan lieding opnommen wurde. In elk docht yn it deistich libben oare saken; eins is it sa besjoen bêst in nuer selskip, dy Spulwike-lieding, mar yn de wike sels is it mei-inoar; wy akseptearje elkoar sa't wy binne en hawwe in soad lol mei elkoar", seit Trienke. Alhoewol't it har net spyt dat se ophâlden is mei de Spulwike, mist se it dan ek dochs wol.

Thys rêdt seishûndert iisko's: Spulwike-bern binne him tankber In fraachpetear mei Thys Eekerk, oant ferline jier materiaal man fan Easterwierrum

EASTERWIERRUM Jo hawwe fan dy minsken dêr't jo fan tinke dat se gewoan by de Spulwike hearre; der mei trouw binne, soe'k hast sizze. Jo kinne jo ek net foarstelle dat sokken bûten de Spulwike om in normaal libben liede lykas ús. It binne fan dy minsken dy't nei alle gedachten gewoan berne binne mei sa'n bûnt kleurde Spulwike-túnbroek oan. Ien fan dy minsken is Thys Eekerk (27) út Easterwierrum. Oant ferline jier siet Thys yn 'e Easterwierrumer haadlieding. It Spulwike-firus sloech yn '96 foar it earst flink ta by Thys. Doe begûn er as assistint-materiaalman. In jier letter hie er al promoasje makke en mocht er himsels de materiaalman fan Easterwierrum neame. Thys hat noait oerweage om yn in oar Spulwike-doarp mei te draaien: "It is myn eigen doarp no? Jo kenne der elkenien; ik haw noch al in grut netwurk; dat is ferrekte handich as jo materiaalman binne!" It 25-jierrich en it 30-jierrich jubileum fan de Spulwike fûn Thys de moaiste jierren: "Alle seishûndert bern kamen doe by elkoar yn ien doarp, dêr't se spulstjes diene, en doe wer fierder nei in oar doarp, alles mei trekker en wein. In gigantyske logistike operaasje fansels, mar tagelyk ek wol in útdaging no. De pankoekterij yn Baard mei it tritich jierrige jubileum wie ek te gek. In hiele rij tafels dwers troch Baard hinne en alle bern dy't al oanskood wiene: in prachtich plaatsje."

Yn Easterwierrum fûn Thys de optochten mei de bern op tiisdei en tongersdei altyd it moaiste. "It is dochs in soart fan klimaks no? Prachtich al dy bern efter it korps oan en dan it 'Holle bolle tsjing' der útknal!" seit Thys. De sfear ûnder de Easterwierrumer liederen hat Thys altyd tige goed foldien: "Wy hawwe altyd goed mei elkoar gearwurke. Der hearske in gemoedlike sfear; der wie altyd wol immen ree om te helpen as dat eefkes sa útkaam."

Thys is no noch sydlings by de Spulwike belutsen. Hy wurket yn in iisfabryk en kin sadwaande tige foardieliich oan iisko's komme foar alle Spulwike-bern. Ek fan it jier hat Thys wer achthûndert wetteriisko's skoard foar ús. It gie lykwols noch hast mis, jout er sels spytgnskjend ta: Ik tocht dat alle achthûndert iisko's nei haalieder Arjan de Koning út Weidum moasten. Doe't ik by him kaam, die bliken dat er allinnich de iisko's foar Spulwike Weidum hawwe moast. Siet ik mei seishûndert iisko's yn 'e kofferbak fan myn auto, dy't op it punt stienen om te ranen. Yn 'e gauwichheid haw ik noch twa adreskes yn Easterwierrum fûn dêr't ik de iisko's tydlik droppe koe. Doe kaam dy typyske Spulwike-stress dochs wer eefkes werom." It is dus oan Thys syn rêdingsaksje te danken dat de bern yn 'e Spulwike dochs noch in lekkere iisko krije kinne. Se sille him tankber wêze.

